



Om prijs en eare



Kolofon

Om priis en eare

Gearstalling: Gosse Blom
Omslach: Murk Pietersma, PENN Communicatie
Opmaak: Fryske Akademy
Produksje: PENN Communicatie, Ljouwert
Digitale ferzje: Stichting Foar de Neiteam
Printwurk: Grafisch Produktiebedrijf Gorter b.v.

ISBN: 90 61 71 601 2

Mei stipe fan: - Stifting Arjen Witteveen Fûns
- Douwe Kalma Stifting

Om priis en eare

Utslaggen fan
it Skûtsjesilen

Ljouwert, july 2004

In útjefte fan






FRYSKE AKADEMY
Nr. 601

yn'e mande mei

P E N N
COMMUNICATIE

Gosse Blom



Ynhâld

| | |
|--|------------|
| 1. Skippen, skippers en striid | 7 |
| 2. Utslaggen foar 1945 | 43 |
| 3. SKS-Silerijen 1945-2003 | 83 |
| 4. Kampioenswedstriden fan de IFKS | 114 |
| 5. Kampioenswedstriden fan de NKS | 136 |
| 6. Projekt 'Friesland Vaart' | 137 |
| 7. Ofkoartings boarnen | 138 |
| 8. Eigners skûtsjes by SKS-wedstriden | 140 |
| 9. Register fan skûtsjes | 142 |
| 10. Skûtsjes dy't omslein binne | 150 |
| 11. Register dielnimmers | 152 |
| 12. Rieplachte literatuer | 167 |



1. Skippen, skippers en striid

200 jier skûtsjesilen

De skiednis fan it skreaune wurd 'skûtsjesilen' giet faaks net earder werom as yn 1926. In krantestikje yn it pleatslik blêd 'Frisia', foarôfgeande oan de saneamde notariswedstryd te Grou yn dat jier, hat as kop: 'Skûtsjesilen'. Sûnt jierren waard by it doarp wer ris in wedstryd holden foar dy klasse. Om dy reden sjocht de skriuwer efkes werom yn 'e tiid: *Hwet wieren der folle moaijer skippen as nou. Dy "wartebiters" fen tsjinwurch der is neat oan, sei er lêsten immen, se lykje allegearre op elkoar*'.¹ Yn earder tiden foer der yn dy klasse in float fan grutter ferskaat op it wedstrydwetter. Oankundigingen fan 'e hurdsyldagen yn 'e 19^{de} ieu litte dat yndied sjen: fearskippen, skûten, snikken, ensfh., en der sylden somtiden ferskillende skippen yn ien klasse, bgl. fearskippen en preammen. Nei 1920 wie de ôfnimmende ferskaat fan skippen goed te fernimmen. Beurtskippen ferskynden net mear by it hurdsilen. Of dy krigen motors ôf se rekken út 'e feart om plak te meitsjen foar it mobile frachtferfier. Houten skippen wiene yn 'e tuskentiid by wedstriden allegearre ferkrongen troch izeren.

De wenstige oantsjutting yn 'e offisjele oankundigingen, nammentlik 'fracht- en beurtskippen', bleau oars noch lang yn gebrûk. Sels doe't beurtskippen net mear meidiene, hâlden de 'fracht- en beurtskippen' stân, ek nei 1926. Iere Frysktalige oantsjuttingen komme hast net foar. In betide opjefte komt út in Hollânsktalich ferslach. In kranteman sprekt yn 1901 fan in *'rij hardzeilende "skûtsjes en fearskippen", vlak voor den wind elkaar achterna zettende met den fok te loefwaarts uit*'.²

Hoewol't de dielname fan fear- en beurtskippen al jierren ta it ferline heart, meie wy net ferjitte dat dy skippen de âldste rjochten hawwe. Fearskippen wiene ornearre foar it persoaneferfier. Hja hiene in lange roef en in lytse bollestâl. Nei 1870 waarden dy amper mear boud. Beurtskippen hâlden it aardich langer fol. De skippen binne rûner fan foarm as frachtskippen, benammen om't faasje foar de beurtskippers fan grut belang wie. It is wat mear boeierachtich, hat in bollestâl en rûne lûken. It silhûet docht ek mear oan in boeier tinken, benammen as wy oer it túch prate. Yn it begjin fan de 19^{de} ieu sloegen beurt- en fearskippen yn 'e transportsektor foar master op. Dwaandewei kaam der konkurrinsje, earst fan it spoar en de stomboat, letter fan it mobyl ferfier. Yn 1881 hâlde de beskerme beurt op. Doe ferfoelen de oktroaien en dat ferklearret ûnder mear de fermelding 'erkende beurtskippen' en 'yn fêste beurt'. Wat it hurdsilen oanbelanget, soene hja yn 'e rin fan 'e tiid belies jaan oan de frachtskippen.

De bou fan frachtskippen krige yn 'e twadde helte fan 'e 19^{de} ieu in wichtige ympuls troch it ferlet fan terpierdeferfier op 'e binnenwetters. De bou fan izeren skippen yntensivearre it frachtferfier noch mear. Foar it moderne skûtsjesilen in wichtige ûntjouwing, want tsjintwurdich farre allinne noch izeren roefskippen út dat tiidrek mei. Yn it hjoeddeiske skûtsjetype, dat mei fanút de opboeide pream ûntwikkele is, binne in tal skaaimerken fan in tal oare typen út it ferline gearfoege. It is op 'e ein fan de 19^{de} en begjin 20^{ste} ieu yn grutte oantallen boud.

Pioniers op it mêd fan 'e izerbou wiene bygelyks de hellingen fan Barkmeijer op Brillil (1887) en Snits (1889), Klaas Draaijsma te Frjentsjer, Jan Bos, Ychtenbrêge (1893) en Jelle Crolus út Drylts.³ It tiidrek fan it boujier fan 'e skippen, dy't no oan it skûtsjesilen meidogge, is in frij beheinde, nammentlik 1896-1932.

De trochgeande ûntjouwing fan de 19^{de} ieuske bou fan frachtskippen makke foar de skipper in sosjale feroaring mooglik. Dat wie it momint dat er syn húshâlding mei oanboard naam.⁴ Dat koe allinnich at de skippen dêr op ynrochte waarden. De frachtskippen waarden achtern foarsjoen fan in roef en in foarûnder mei sliepplak. Benammen yn 'e roef moast de romte effisjint benut wurde. Foar wa't hurdsile woe, betsjutte dat foar de skipper dat er foar oanfang fan 'e wedstryd de losse meubelstikken en meastentiids ek wiif en bern op 'e wâl sette. Nei it silen waard alles wer te plak brocht wernei't it libben syn gewoane gong wer gie. It hurdsilen komt gauris foar yn 'e ferhalen dy't oer it libben oan board optekene binne.

Troch de grutter wurdende frachtskippen wie der foar de hurdsilende beurtskippen gjin eare mear te beheljen. De ôfmjittings fan de beurtskippen bleaune oer it generaal stabyl, wêrtroch se yn 'e regel de frachtskippen net mear byhâlde koene. Dêrfandinne liet it bestjoer op 'e Snitser hurdsyldei fan 1907 de beurtskippen yn in aparte klasse út komme, om't *'de laatste steeds een vergeefschen strijd voerden tegen veel grootere vrachtschepen en zich dientengevolge meer en meer van den wedstrijd terugtrokken'*.⁵ Om 1920 hinne soene de silende beurtskippen út it iepenbiere libben ferdwine. De tiid wie doe (noch) net ryp foar lju dy't har ynsetten foar it behâld fan dat klassike skip, sa't letter wol barre soe mei in grut tal skûtsjes.

Om't de fracht- en beurtskippen ornearre wiene foar ekonomysk gebrûk, is fan in ienheidsklasse fansels gjin sprake. Ek nei it ferdwinen fan 'e beurtskippen bleau dat sa. Dat sjogge wy dúdlik op 'e list fan meidoggende skippen oan 'e hurdsyldei te Earnewâld yn 1944. It grutste skip wie 51, it lytste 12 tûne.⁶ Dat de skûtsjes noch jierren lang brûkt waarden foar it frachtferfier, sil ek komme trochdat de krisistiid ynfestearrings keard hawe. Boppedat kamen der fanwegen ferlies fan laadromte gjin motors yn it skip. Dêrfoar yn 't plak kochten gâns skippers nei 1925 in saneamde opdrukker, sadat hja net mear fan 'e wyn ôfhinklik wiene. *'Wel had men nog zeil en fok en deze werden wanneer de wind gunstig was gebruikt'*.⁷ Yn 'e Twadde Wrâldoarloch kaam der sels noch in lytse oplibbing. Oalje en benzine giene op 'e bon *'en de zeilen bewezen nog goede diensten'*.⁸ Nei de oarloch soe de ein fan it skûtsje as transportfartúch definityf besyld wurde.



Ien fan de earste ôfbyldings fan hurdsilen mei fearskippen:
1881, Eigen Haard. De pintekening is makke by striemin
waar op 'e Snitser Mar. It kommisjeboatsje mei 'mikke' leit
by de finish.



'Dorp Grouw', earder Aebelina, mei Wibe Minderts
Peekema jr. oan it helmhout. In diel fan 'e fracht stiet yn
fetsjes op it foardek.

Noch lang yn 'e 20^{ste} ieu hawwe njonken Fryske skûtsjes Grinzer bollen meidien, mei inkeldris in tsjalkje, in klipper en in snikke. Apart moatte noch neamd wurde de skippen boppe de 50 tûne. Dy hearre wol thús yn 'e kategory fracht- en beurtskippen, mar wurde net as skûtsje oantsjuten. It wiene yn 'e regel seeweardege skippen of skûten dy't yn wedstriden wolkom wiene op de eardere Sudersee by Harns en op 'e Lemmer. Om noch efkes by de Sudersee te bliuwen, yn 'e begjinjierren mochten op De Lemmer ek wolris droege fartugen meidwaan, dat wol sizze skippen sûnder beun.

Uteinlik soe oan it moderne skûtsjesilen allinne it type frachtskip dielnimme dat yn Nederlânsktalige boarnen faak 'Friese tjalk' neamd wurdt.⁹ It giet om izeren roefskippen fan it tsjalk-model, fan sa'n tweintich oant fyftich tûne mei plat flak, oanhinge roer, twa rigen platte houten lûken oer it rom, twa brede houten sydsurden, ien mêst, optúgd mei gaffelseil en staachfok.

Om't de skûtsjes altyd de haadrol spyljen bliuwe sille, moatte twa ferneamde skippen út de lange histoarje fan it skûtsjesilen efkes neamd wurde. In ferneamd skip, dat no noch meidocht, is 'De Jonge Jan', dat yn 'e SKS foar Langwar fart. Sytze Sytema liet it yn 1911 bouwe by Bauke Roorda te Drachten. De skipper út Eastermar helle mei syn skip benammen sukses by it hurdsilen te Grou. 14 kear kaam er hjir oan 'e start, 12 kear wûn er de earste priis. Yn de SKS waard mei it skip yn 1952 en 1953 it kampioenskip behelle.

Foar it predikaat it meast legendaryske skip fan alle tiden komt it âlde Grouster fearskip it meast yn 'e beneaming. It skip glied yn 1861 fan de helling fan Eeltje Holtrop van der Zee op De Jouwer. Neffens de oantekens fan Eeltsjebaas wie it *'een schip gemaakt op de koop lang 43 voet, hoog voor onder de stoothouten 5 voet en 6 duim, achter 4 voet en 10 duim onder het Berhouten 28 duim alles onder met de kil'*. Yn hjoeddeiske maten: 12,17 m lang, heech by de kop 1,58 m, de kont 1,40 m. Yn 'e mjitbrief stiet as breedte 11 foet (likernôch 3,11 m). Gerben Zuidema út Grou kocht it skip mei jild fan Abe van der Velde en Pieter Boltjes fan Grou oan en joech it de namme 'Æbelina'. Wiebe Peekema, boer fan 'It Hoflân' ûnder Grou, waard yn 1873 de nije eigner. Hy werdoopte it skip yn 'Dorp Grouw'. Ek syn soan Mindert en syn pakesizzer Wiebe fertsjinnen har brea mei dit skip. As hurdsiler stie it heech oanskreaun; fan 1864 oant 1909 ta, foel it leafst 57 kear yn 'e prizen (31 earste, 12 twadde, 10 tredde, 3 fjirde en ien sechste plak). Telle wy de jildprizen foarsafier't dy publisearre binne, dan komt it totaalbedrach boppe de f 1600. As dêrnjonken oare prizen, lykas sulverguod, meirekkene wurde, foer it skip foar de ferskillende eigners neffens ús skatting mear as f 2000 byinoar.¹⁰

No't de skûtsjes net mear as frachtskip tsjinje, wurde dy faaks noch mear koestere as foarhinne. Earder krige it skip fansels ek it nedige respekt. In aardich faset is dat de lju ek wolris de skipsnammen behellen by har skôging. Op 27 july 1912 kamen sân skippen oan 'e start op 'e Snitsermar: twa 'Twee Gebroeders', trije 'Drie Gebroeders', ien 'Vijf Gebroeders' en ien 'Zeven Gebroeders'. In ferslachjouwer telde 25 bruorren: *'Het was als in de dagen van het vuistrecht, het grootste aantal broeders overwon'*, nammentlik de 'Zeven Gebroeders' fan Lieuwe Arends Visser út Alde-mardum.¹¹

In oare ynstek joech skriuwer-útjouwer Tsjibbe Gearts van der Meulen yn syn beskriuwing fan de hurdsyldei te Harns yn 1877. Dêryn naam hy de útslaggen troch. By de fracht- en beurtskippen, lytse klasse wie de priis foar Hof fan De Lemmer mei 'De Vrouw Geertje', de earste preemje foar De Vries út Drachten mei 'Grietje'. Skipper Dekker fan Skylge krige de twadde preemje mei 'De Twee Gebroeders'. De moderne stikjeskriuwer sil foar't neist net nei sokke feiten omsjen, mar Van der Meulen seach de aardichheid dêr wol fan yn: *'Nou twa broerren en Geertsje en Grietsje, elts hie er nîget oan dy it hearde'*.¹²

Tsjintwurdich binne der twa oerkoepeljende organisaasjes dy't it skûtsjesilen op har noed nimme, nammentlik de 'Sintrale Kommisje Skûtsjesilen' (SKS), oprjochte yn 1945, en de 'Iepen Fryske Kampioenskippen Skûtsjesilen' (IFKS), oprjochte yn 1981. Hja hawwe beide in wiidweidich reglemint dêr't de dielnimmende skippen oan foldwaan moatte. Bepaald wurdt ûnder mear in maksimale lingte dy't om de tweintich meter bedraacht. Sels mei in reglemintearring op nivo bleaune de problemen. Yn it seizoen 2002 skraste it bestjoer fan 'e SKS nei de wedstrydrige twa skippen, De Jouwer en Ljouwert, út de útslach fanwegen ûnregelmjittichheden oangeande it skip of de útrissing dêrfan. Dy episoade liet syn spoaren nei, en net allinnich by de lju dy't dêrby behelle wiene. Dat die bliken in februaris 2004, doe't Omrop Fryslân televyzje de tsien wichtichste sportmominten fan it lêste desennium sjen liet, keazen troch de sjoggers. It skûtsjesilen kaam ien kear as item foar, mar dat gie dan wol oer de diskwalifikaasje fan de beide skippen yn 2002.

Benammen niisneamd foarbyld toant nochris dúdlik de populariteit fan it skûtsjesilen foar de passive rekréant oan. Dat wie earder lyk sa, mar yn 'e moderne tiid komt, troch mear frije tiid en it befoarderjen fan it toerisme, mear folk nei de wedstriden. Yn 'e sechstiger jierren wie dat patroan al sichtber. De media pakten de saken serieuus op want hja seagen net allinne nei it nostalgysk aspekt. Neffens in sjoernalist wie it *'een manifestatie van wat teamgeest, kracht, behendigheid en vakmanschap vermogen'*.¹³ In nije sitewaasje ûntstie doe't de RONO letter Radio Fryslân, yn 'e santiger jierren alle dagen wiidweidige, letter ek live, ferslaggen útstjoerde.




Grou om 1905 hinne. De skippen sile de Tynje yn.
(Foto Frysk Skipfeart Museum, Snits)

Sneek

Zellwedstrijd

Snits 1909. Foarop de priiswinner, Engbert van der Meer.



De minsken koene doe ek skipperspraat hearre. Nasjonaal spriek it barren wat minder oan. Oan de ein fan de santiger jierren lies de nijslêzer fan it NOS-sjoernaal geregeldwei de útslaggen foar. Inkelde jierren makke de redaksje fan Studio Sport fan de twadde sneonswedstryd in wiidweidich ferslach yn de sneinsútstjoering. Dy lúkse hâlde net lang stân. Dochs bleau de belangstelling, om't de kommersjele stjoerders altyd wol in item fan it skûtsjesilen, yn hokker foarm dan ek, yn byld brochten. Yn 2002 krige it skûtsjesilen wer ynternasjonale publisiteit. De National Geographic Channel sette nammentlik de dokumintêre 'Skûtsjesilen. Hardzeilen!' op syn programma.¹⁴

Goed foar it prestiizje fan it skûtsjesilen wie it feit dat yn 'e njoggentiger jierren it Nederlânsk bureau foar toerisme it evenemint in plak joech op 'e list fan de top-12 fan 'e nasjonale toeristyske attraksjes. Dy posysje tanke it oan syn grutte nammebekendheid en minder it tal taskôgers.¹⁵ Foar de oerkoepeljende organisaasje is de publike belangstelling fansels wol fan belang. It beynfloedet bygelyks de sponsoring. Allinne de SKS heft yntreejild. In heech tal lju passearre yn 1986 de kaartsjeferkeapers, nammentlik 33.157. By in folslein programma en geunstige waarsomstannichheden helle it tal noch hieltyd de tritichtûzen. Njonken de wâltaskôgers omseamet in grutte float fan fartugen mei belangstellenden it wedstrydwetter. Dy komme net by de kassa's lâns, mar guon jouwe in bydrage yn it ramt fan de saneamde wimpelaksje, ynsteld yn 1971. Yn 2003 ferkocht de wimpelkommisje 4088 wimpels. By de IFKS komt yn 'e regel wat minder folk. By Hylpen en De Lemmer rinne de skattings fan tûzen oant twatûzen de wedstryd. Om 't de tagong by IFKS-wedstriden fergees is, witte wy de krekte oantallen besikers net.

It skûtsjesilen yn 'e 21^{ste} ieu kin net mear sûnder spesjalisearring by de organisaasje. Dochs komt it sukses fan it evenemint ek mei op namme fan hûnderten frijwilligers dêr't alle jierren in berop op dien wurdt. Troch har koe it skûtsjesilen útgroeie ta in publykslûker fan komsa.

Fan hurdsilende beurt- en fearskippen ta skûtsjesilen

As wy it skûtsjesilen regressyf neigean, dan fine wy in ier berjocht út 'e Frânske tiid. De boargemaster fan Snits skreau yn 1811 op fersyk fan de hegere autoriteiten in silerij foar fjouwer klassen út, dêr't ek de 'Binnenlandsche Beurt- of Veerschepen' ta hearden.¹⁶ Nijsgjirrich is fierders in oankundiging fan hurdsilen foar fearskippen yn 1820 by Aldskou. *'Tot aanmoediging voor de tijd tot tijd verbeterd wordende zeilagie'*, sa motivearret de organisator syn inisjatyf.¹⁷ In jier letter stie dy klasse ek op 'e Snitser hurdsyldei op it program. Utslaggen fan 'e hurdsyldagen komme pas yn 'e jierren 1840 geregeld yn 'e krante.

It is wis dat mei de opkomst fan 'e sylferienings, om 1850 hinne, de lju profitearren dy't meidiene oan 'e klasse(n) fan beurt-, fear- en frachtskippen. De ferienings fan kwizekwânsje skreaune hast altiten dy klassen út yn it ramt fan har jierlikse hurdsyldei. Dat duorre oant it twadde desennium fan de 20^{ste} ieu. KZV 'Oostergoo' skreau yn 1928 noch in wedstryd út. WSV 'De Zevenwolden' op De Lemmer is de iennichste feriening fan respektabele âldens dy't noch skûtsjesilen organisearret.

Sa't wy niis seagen, soe de bou fan 'e izeren skippen oan 'e ein fan de 19^{de} ieu foar it frachtferfier op 'e binnenwetters foar in wichtige omslach soargje. Mar ek foar it hurdsilen. Der kamen gruttere skippen yn 'e feart. Swierrichheden koene dan ek net mear útbliuwe om't op 'e syldei ûnderskate klassen meidiene. Earder foelen de beropsskippers net út de toan. Mar no besoargen de lange skippen har kollega's út 'e oare klassen op wat minder romme wedstrydwetters gauris oerlêst. Nei 1900 spile de opkomst fan 'e sportfartugen nochris in ekstra rol. De oanwaaks fan 'e skerpe jachten op 'e hurdsyldagen naam geandewei ta, in gegeven dat organisatoaren foar logistike problemen stelde. Dêr kaam by dat de frachtskippers harsels út 'e merk priizgen om't mannichien mei de oaren gjin rekken hâld.

Fandatoangeande is de hurdsyldei fan 'Frisia' te Grou op 11 septimber 1910 it meast besprutsen. Troch it grutte tal ynskriuwings hie it bestjoer ferskillende rûtes útlein. De finish wie foar eltsenien yn de Galle. It trof allinne min dat op in stuit sa'n fjouwer klassen tagelyk oankamen, dêr ûnder de fracht- en beurtskippen. Dat kaam op 'e kop ferkeard. In krante-man hie der wakker wille fan: *'We (hebben) daar 'n echten zeeslag uit den goeden ouden tijd bijgewoond'*. Ien frachtskipper makke it te bûnt troch in jacht sa nei de kant te driuwen dat dy yn 'e modder fêst kaam te sitten. De plesierskipper rûn dêrtroch de premy mis. De ferslachjouwer geniete fan de spannende kriich *'en van de zegenwenschen die er bij uitgesproken werden'*. Gjûn reden foar in soad drokte achternei, sa waard ornearre. Sels de ferieningsskriuwer tocht dat de hjitste hei gau besakke wie: *'t valt wat mee, 't binne allegearre schippers, ook op het water herkent men de "gentelmen"'*. De man soe him raar fersinne. Underskate plesierboatebesitters setten it bestjoer ûnder druk om de fracht- en beurtskippen net mear foar de jierlikse syldei út te noegjen. Se krigen har sin. De klasse waard nei 1913 skrast.¹⁸

Op 'e Snitsemar koe it hâlden en dragen fan guon frachtskippers soms ek gjûn sprekken lije. Op 'e hurdsyldei yn 1915 rûn de rivaliteit mei har kollega's *'heeren liefhebbers'* sadanich út 'e hân, dat in ferslachjouwer sette syn argewaasje oer it dwaan en litten fan 'e skippers op papier: *'Jammer echter, dat door deze schippers in hart en nieren weer zeer anarchistisch gezeild is'*.¹⁹ Lykwols bleau de klasse fracht- en beurtskippen noch in tal jierren op it program stean. Dat dochs de sloai deryn

kaam, lei úteinlik oan it tebekrinnen fan it tal ynskriuwings. Dêr kaam by dat guon de âlde klasse net mear serieus namen, bygelyks de redakteuren fan it tydskrift 'Watersport'. Fan 1912 ôf kamen earst de resultaten fan 'e fracht- en beurtskippen noch yn 'e protokollen foar, mar letter waard dy klasse oerslein. De skriuwer fan ZV 'Sneek' koe yn syn jierferslach oer 1920 ek gjin wurdearring opbringe foar de fracht- en beurtskippen, want hy konstataarre mei in sinyske ûndertoan dat de silerij fan 'e skippen net wichtich wie om't mar fjouwer fan 'e sân ynskriuwers opkamen, *'en is dit nummer dan ook meer als concessie aan het idee volksvermaak te beschouwen'*.²⁰ De algemiene ledegearkomste hâlde de skippen noch wol op it program mar it soe der nea mear fan komme, alteast foar dy feriening. Ynsidinten op ferskillende plakken wiene foar de measte sylferienings in reden te mear by har belied prioriteit oan 'e plezierfartugen te jaan. De tiid briek oan dat de fracht- en beurtskippen by de sylferienings út 'e graasje rekken. Dêrom meie wy de tiid om 1920 hinne as in wichtige sesuer beskôgje. Alle ferienings dy't fanâlds hurdsyldagen organisearren, útsein 'De Zevenwolden' op De Lemmer, hiene de klasse fracht- en beurtskippen fan it program skrast.

Twa dingen hâlden it skûtsjesilen lykwols oerein. Alderearst it nimmen fan nije foarstappen fan oare ferienings. De wichtichste dêrfan is ZV 'De Fluessen'. Dy sette yn 1923 de klasse 'fracht- en beurtskippen' op it program fan 'e jierlikse hurdsyldei, oars nei in inisjatyf fan de 'Schippersvereniging De Friesche Zuidwesthoek', in jier earder. Op it romme wetter fan De Fluezen by It Heidenskip wie it mooglik de skûtsjes meidwaan te litten as ûnderdiel fan in programma mei ûnderskate klassen. As twadde punt, mar minstens sa wichtich, moat neamd wurde de warberens fan Roelof Buisman (1874-1963), ûnder oaren bestjoerslid fan KZV 'Oostergoo' en foarsitter fan VVV-Grou. Hy seach it belang fan it hurdsilen fan fracht- en beurtskippen foar rekreative doelen. Hielendal nij wie syn fúzje net, want ek yn Harns stie yn 1910 de toeristebbranche achter it hurdsilen dêre (sjoch 360 en 361 fan haadstik 2). Buismans ynisjatyf kaam mar muoisum fan 'e grûn. Yn 1916 en 1917 sylden de skûtsjes by Grou, mar de respons foel ôf. Mar doe't Buisman it yn 1926 nochris besocht, sloech er wol syn slach. In kommisje ûnder syn foarsitterskip organisearre op woansdei 14 july in silerij by gelegenheid fan de jiergearkomste fan de Bruorskip fan Notarissen yn Nederlân. Guon sjogge de notarissilerij dan ek as in werstart nei de mindere tiden.²¹ In reden dat de syldei no wol slagge wie it feit dat skippers út 'e Súdwesthoeke op 'e útnoeging yngiene. De betsjutting fan dy wedstryd hat west dat de Grouster skûtsjesyldei in fêste tradysje wurde soe en dat dy silerij útgroeide ta in selsstannich evenemint. Tusken twa heakjes, in unyk feit is dat fan 1926-2004 te Grou it skûtsjesilen alle jierren sûnder ûnderbrekking hâlden is.

Yn 1929 naam in tal Grousters it inisjatyf fan Buisman oer en rjochten de Kommisje Skûtsjesilen Grou op, de earste organisaasje spesjaal ornearre foar it skûtsjesilen. Dy kommisje sette útein mei in goed útnoegings- en prizebelied, doedestiid in suksesfolle formule om it skûtsjesilen foar langere tiid feilich te stellen. Tegearre mei ZV 'De Fluessen' mochten se yn 'e tritiger jierren fan de foarige ieu rekkenje op in fêste kearn fan meidoggers. Oant 1935 ta waard inkeldris ek op oare plakken, syld: te Earnewâld, op De Feanhoop en troch ZV Oppenhuizen-Uitwellingergera (ZOU) op de Snitsermar.

Nettsjinsteande de wichtige ympuls fan Buisman c.s. oan it skûtsjesilen, seagen guon al dat der feroarings op komst wiene. Yn 1931 konkludearre in anonime skôger dat it hurdsilen fan skippen út 'e lytse binnenfeart noch hieltyd libbensfetber wie. Soe der in delgong komme, *'dan zal wellicht het eerst de klasse "beurt- en vrachtschepen" van het tournoi verdwijnen, tengevolge van nog meer afnemen der zeilvaart'*. In spitige saak neffens de skriuwer, *'wjl met haar een historisch geworden attractie van de wateren zal zijn verdwenen'*.²² Likernôch tweintich jier letter rekke it skûtsjesilen yndied yn 'e flotgerzen. It iene nei it oare skûtsje waard troch de eigner fanwegen ûnrendabelens definityf oan 'e kant lein. Dy't it berop as frachtfierder trochsette woene, giene oer op motorskippen mei in grutter laadfermogen.

Dochs soe it organisearre skûtsjesilen net op 'e non rinne. Foar in wichtige trochbraak soarge Akko Lammert van der Veen, akkountant út Drachten. Tegearre mei syn kompanjon Jaap van der Woude kocht er yn 'e hjerst fan 1954 'De Twee Gebroeders' fan Tjalling van der Veen.²³ Hjirmei woene hja tefoaren komme dat it skûtsje foar it hurdsilen ferlern gie. It skip - it docht noch hieltyd mei as Drachtster skûtsje - kaam in jier letter mei Aldert Hoekstra oan it roer yn 'e SKS-wedstriden út. De stifting 'It Earnewâldster Skûtsje' kocht yn 1956 as earste net-partikulier in skûtsje oan. Troch beide inisjativen kaam it senario fan ús nisneamde skôger net út, benammen om't in tal kommisjes en partikulieren it Earnewâldster inisjatyf neifolgen. In bykommend gefolch wie dat guon skippen rêden waarden fan ombou ta plesierfartúch, dat wol sizze opboud mei in lange roef en foarsjoen fan in ynboude motor.

Troch de opkomst fan de net-partikuliere eigners gie it skûtsjesilen foarearst stadich wer foarút. Foar de SKS waard de oanwaaks fan meidoggers nei ferrin fan tiid sels in lúkseprobleem. Doe't oan de ein fan de sechstiger jierren it tal meidoggers oan de wedstrydige ta fjirtjin oanwoeksen wie, waard dat tal as maksimum steld. Nei de oprjochting fan de IFKS die bliken dat de ein fan it tal hurdsilende skûtsjes noch net yn sicht wie. Yn 2001 joegen by dy feriening 62 skippen acte de présence.

Autentisiteit, sport en wedstrydskip: tsjinstelde belangen

De aktiviteiten fan beide oerkoepeljende organisaasjes hiene as gefolch dat it tal skippen op it wedstrydwetter gjin punt fan soarch mear wie. Dêr stie foaroe dat de bestjoerders it sicht wat kwyt rekken op de ûntjouwing fan skippen en útrissing. It is ynherint oan it kompetysje-elemint dat guon besykje woene (en wolle) troch yngrepen in skip hurder sile te litten. In inkelde beropsskipper ekspearimintearre yn it ferline ek wol, mar dat gie om lytse feroarings. It earste drege probleem dêr't de SKS mei te krijen hie, wiene de oertúgde skûtsjes. Yn 'e rin fan 'e santiger jierren sloech der hieltyd faker in skip om, wylst dat yn it ferline komselden barde. Dêrom stelde it SKS-bestjoer út, in 'professorale' formule yn te fieren om de tugen oan limiten te binen. It útstel soe liede ta in slimme krisis en it wedstryd-programma fan 1977 drige sels skrast te wurden. Akko van der Veen, al earder yntrodusearre, moast der oan te pas komme om de saak lyk te striken. Mei in formule fan Douwe Amels út Makkum om ôfmjittings fan tugaazje fan en ballêst yn in skip yn 'e hân te hâlden, giene de skippers úteinlik akkoart.²⁴

In oar probleem dat net allinnich bestjoerders mar ek leafhawwers fan tradisjonele skippen raar yn it liif omwûn, wie de orzjinaliteit fan 'e skûtsjes. Yn it earste (selsstannich) reglemint fan 1959 stiet yn kêst 1 in sin dêr't alles sa'n bytsje om draait: *'De uitvoering van tuig en schip moet ongeveer zijn zoals deze was, toen het skûtsje als bedrijfsvaartuig in gebruik was'*.²⁵ By de wedstrydsport lykwols binne feroarings slim tsjin te hâlden, ek al om't it earste reglemint net wakker tichtimmere wie. By it moderne wedstrydskip kaam de snijbrâner en it lasapparaat der geregeld oan te pas en meitsje der in better sylfartúch fan. In foar it each opfallend punt wie it ferromjen fan it achterdek. Dêrfoar waard de roef wat nei foaren brocht. Ek gie de mêstkoker nei achteren, wêrtroch der in gruttere fok oanslein wurde koe. Fan bûten net sichtber wiene de foararings ûnder it dek. Fan oerstallige ballêst wie gjin ferlet mear en sa waarden autentike binnebetimmerings derút sloopt. De SKS hat yn 'e tuskentiid mei de eigners ôfpraat dat de binnebetimmering op 'e nij yn eare brocht wurdt.

De oerheid hie ek each foar tradysje en orzjinaliteit. De minister fan CRM, letter WVC, loofde fan 1966 ôf in priis út oan de eigner fan it orizjineelste skûtsje. Al gau kaam men der achter dat in letterlike ynfolling it tal potensjele winners tige beheind hâlde soe. It fernuvere oars nimmen dat Akko van der Veen mei it Drachtster skûtsje de earste plakette en de jildpriis fan f 2000 takaam. Hy soe dêrnei noch (mar) ien kear de priis krije. De advyskommisje stelde mear as ien kear út de priis ta te kennen foar goed útfierde restauraasjewurksumheden. Yn 1973 gie de priis nei 'd' Halve Maen' (Van der Werff, Drachten, 1923), it skip fan de kommisje Philips NV. Skipper Taeke Brouwer hie in grut part fan it wurk op syn noed

nommen. Hy krige dêrfoar in plomke yn it rapport fan 'e kommisje. Spitigernôch foar de SKS luts de minister yn 1994 de priis yn. It provinsjaal bestjoer fan Fryslân wie lykwols ree en nim de priis oer. Fan 1995 ôf looft it provinsjaal bestjoer ek foar de IFKS in orzjinaliteitspriis út.

Orzjinaliteitsproblemen spilen net allinne by de SKS want al hiel gau moasten ek de IFKS-bestjoerders 'optrede'. Guon meidoggers kamen mei in skip dêr't de montearre bakstagen en aërodynamyske snufkes it wenstige uterlik aardich oantaasten. Dat sadwaande koe ek dy organisaasje net sûnder regels. Nijsgjirrich hjirby is dat, hoewol't de yntinsje wol lykop rint, de twa organisaasjes elts in reglemint hawwe. Dat leit eigentlik wol yn 'e reden. Want yn beide ferienings hawwe de skippers in wichtige stim by de ynfoling fan 'e regleminten. De IFKS wol boppedat skippen mei in yn-boude motor net fan 'e wedstriden útslute. In konsesje oan de eigners fan dy feriening dy't de skipsmjitten oarspronklik hâlde wolle, is de ynfiering yn 1995 fan in aparte klasse foar lytse skippen, dat wol sizze skippen mei in langte oant en mei 17,10 meter. Dat kaam foar Siete E. Meeter, eigner fan 'De Vriendschap', it eardere skip fan Pieter Jasper, goed út. Yn 2001 koarte hy it wer nei de oarspronklike langte fan 16,89 meter yn: *'Wy ha der oer tocht om ek sa'n lange strykbout te wurden as al dy oare lange skûtsjes, mar dochs geane wy werom yn de tiid'*.²⁶

It is foar de oerkoepeljende organisaasjes al lang gjin punt fan diskusje mear dat skûtsjes net mear yn 'e oarspronklike steat ferkeare. De tugen binne gâns grutter wurden, in probleem dêr't yn 'e tuskentiid wat oan dien wurdt troch dy oan oerflaktematen te binen. De feroarings fan it model wie foar de bestjoerders wol oanlieding de klok werom te setten. Yn 'e regleminten fan beide organisaasjes steane formules foarskreaun om foar te kommen dat 'aketugen' it byld bepale yn stee fan it Grouster model. It ferlingjen fan 'e skûtsjes is troch de organisaasjes oan 'e bân lein om't eltsenien ynseach dat it frijlitten dêrfan it skûtsjesilen yn diskredyt bringe soe.

De ûntjouwing fan skûtsje ta wedstrydskip wie net te kearen. Dêrfandinne dat beskate ynslûpte sichtbere feroarings tastien waarden. De opfallendste is dy fan de loefbiter, in metalen stange oan 'e foarsteven mei (yn 'e regel) twa eagen.²⁷ It oarspronklik model foldie fanwegen de fergutte tugaazje net mear. De stange waard ferfongen troch in koarte strip foarsjoen fan in tal gatten. Foar de metalen wetterstange kaam by in tal skippen in keatling of spanner yn 't plak. In oare modernisearing wie de yntroduksje fan in ferskobere swurdophinging yn 1973 by it Jouster skûtsje. Troch dy konstruksje koene de swurden oer in beskate lingte ferskood wurde. De Jousters hiene yn it earste jier te krijen mei bernesykten: *'Hier op Staveren bleek echt dat het stukje huisvlijt (...) waardeloos was. Onze zwaarden hingen als lamme vleugels aan het schip'*.²⁸

In pynlik moment foar de leden fan de algemiene gearkomste fan de SKS yn 1996 wie dat hja (yn mearheid) it útstel stipen ôf te stappen fan katoenen tugen. Foarhinne wiene tugen fan keunststof (yn it spraakgebrûk ek wol dakron neamd) tabû. Katoen paste yn 'e tradysje fan 'e SKS nammerste mear om't de IFKS dy stof nea foarskreau. De ierlitting hie as wichtichste reden dat de kwaliteit fan it beskikber katoen yn 'e rin fan 'e jierren hurd achterútgien wie. Dêrtroch ferfoarmen de seilen al hiel gau, wêrby boppedat de seilmakker faak de skuld krige.²⁹

Hoe't der ek oer ûnderskate niisneamde yngrepen tocht wurdt, dy koene sa op it each it deiljocht noch wol ferneare. Wat der noch mear mei de skûtsjes útspeke is, dêr geane noch hieltyd wylde ferhalen oer. Bygeliks it ferfangen fan it dek dêr't izermateriaal (of sels aluminium) by brûkt waard, dat ien of mear strepen tinner wie as de oarspronklike dikte. Ek yntriges mei hjitte hollen kamen foar. Feike Hoekstra, kommisjelid fan it Grouster skûtsje, kaam der op in stuit achter dat it 'Doarp Grou' jierren oanien mei in aluminium gaffel syld hie: *'Dat ding hiene se ferve, dus dat hie ik noait yn 'e gaten. Mar dat liket fansels nearne op. (...) Ek mei de Durkse lûken hiene se sjoemele. (...) Mei dy lûken hiene se my al te pakken'*.³⁰ 'Se' wurdt yn it artikel net taljochte.

De beide organisaasjes pakke no de ko by de hoarnen. Mei de ynstelling fan de Kommissje 2000 kaam in effektiver kontrôle op de SKS-skippen en de útrissing dêrfan. Sa hawwe de eigners meldplicht as feroarings oan it skip oanbrocht wurde. Oertredings wurde net mear yn 'e jamkste fâlden slein. In sprekmandend gefolch wie de al yn de earste paragraaf neamde diskwalifikaasje fan twa skûtsjes nei't de wedstrydige fan 2002 al ôfsletten wie.

By de IFKS farre de skippen neffens de 'Omschrijving scheepsuitrusting', it saneamde giele boekje. Mei dy reglemintearing is yn 1983 al in begjin makke. De 'Commissie Generaal' hat it tafersjoch. De kommisje kin de surveyors opdracht jaan skippen te keuren. Dat bart altyd by skippen dy't foar it earst meidogge, of dêr't yn 'e tuskentiid wat oan feroare is. De kommisje hat it foech skippen út te sluten as dy net oan it ferieningsreglemint foldogge. By de SKS hat de 'Commissie 2000' dat foech lykwols net. As in skip of útrissing net yn oarder is, meldt de kommisje soks oan it bestjoer mei in advys. It bestjoer nimt dan in beslissing, of yn it spraakgebrûk oars sein: it spilet foar plysjeman.³¹

Dit item oereidzjend, moat steld wurde dat nettsjinsteande de stipe fan inkelde oerheidsorganen foar it behâld fan de orzjinaliteit fan 'e skippen, guon lju har ferantwurdlikens net namen. Boppedat liet de SKS jierren oanien de saak gewurde, en rûn dêrtroch achter de feiten oan. Ek de IFKS koe soms slim mei de orzjinaliteit oer de wei. Yn 1998 kitste de skippersgearkomste in útstel fan it bestjoer om in eksklusive klasse foar orzjinele skippen yn te fieren.

Guon modernisearrings binne te ferdigenjen om't dy de feilichheid oan board befoarderje. Mar oer it generaal moat sein wurde dat orzjinaliteit fan skûtsjes in 'ynflatoar' begryp wurden is, nettsjinsteande dat by guon skippen op ûnderdielen in rekonstruksjeproses útfierd is. Lju dy't de ûnderskate ûntjouwingen troch de jierren hinne negatyf beseagen, folden oars it skippersjargon treffend oan: *'it knoeien mei skippen'*.

De meidoggers

Lykas by oare âlde sporten nimt de heroyk ek by it skûtsjesilen in wichtich plak yn. By de âldste oerlevering giet it sels om in non-fiktyf ferhaal, want de Snitser hurdsyldei fan 1836 stiet dêrby sintraal. Moarns by de oanjefte waard al dúdlik dat der fanwegen de hurde wyn fan it silen neat komme koe. De tolve beurtskippers dy't meidwaan woene, rekken yn 'e herberge danich oan't petearjen oer de fraach oft der al of net syld wurde koe. It leit yn 'e reden dat it moarnsslokje de diskusje yn in emoasjonele sfear brocht. Doe't de organisaasje syn beslút meidielde dat de wedstryd nei sneon útsteld wie, stie skipper B. van der Meer út Oerterp op, lei *f* 25 op tafel, en dage de oaren út itselde te dwaan. It totaalbedrach, dêr't dan om syld waard, koe by de kastlein deponearre wurde. It soe neffens de ynisjatyf-nimmer lytsbernich wêze om mei sa'n wyntsje net út te farren. Twa skip-pers namen de útdaging oan, sadat de sylleafhawwers dochs noch nei it Simmerrak teagen om it spektakel oan te skôgjen. Fan it Simmerrak ôf waard syld troch de Houkesleat en Kolmar en werom. It waaide dat it rikke en dat hie merkberere gefolgen foar it wedstrydferrin. Noch foar de iikmole gie by skipper Van der Meer mêst en túch oerboard. Op 'e hichte fan Toppenhuzen rekke neffens de beskriuwing it skip fan Rein Zijlstra út Drachten fol. Jetze Reijenga út Heech koe it spul der wol by hâlde en lei de rûte neffens de ôfspraak ôf. It is tefolle sein dat de skipper út Heech ivige rom takaam, mar syn prestaasje *'was een glorie waarover jaren later nog altijd door de liefhebbers onder de Beurtschippers werd gesproken en genoemde schipper als een zeldzaam voorbeeld van schipperskunst werd aangehaald'*.³²

Yn 'e literatuer ûntbrekt dizze episoade. Faaks slaan de kronikeurs dy oer om't dy net yn har histoarysk byld past. Want guon sjogge de deistige aktiviteiten fan 'e frachtskippers as it begjin fan it skûtsjesilen: *'Je vracht eerder afleveren en de beste prijs maken was de inzet van de wedstrijd'*.³³ Dit sitaat komt oars út in tydskrift foar sportskiednis. Begryplik, want dit elemint wurdt yn rûnten fan it skûtsjesilen faak nei foaren brocht: *'Us deistisch wurk wie eins ien hurdsilerij, altyd mar wer prebearje as earste oan de terp to kommen'*, sa seit Klaas van der Meulen yn in ynterview.³⁴ Doch giet it hjir om in soarte fan mytefoarming, benammen yn 'e hân wurke troch it feit dat hjoeddedei allinnich noch frachtskippen meidogge. Yn 'e praktyk skreaune de measte skippers/eigners komselden of nooit foar

in wedstryd yn, *'omdat in de meeste gevallen de kosten niet door de baten worden gedekt'*.³⁵ Fan desynteresse fan de net-hurdsilende skippers wie oars gjin sprake. In kranteman makket dat goed dúdlik yn in stik oer in silerij op De Feanhoop flak nei de Twadde Wrâldoarloch. Hy liet it as in feestlik barren op him ynwurkje: *'Mar 't wier allegearre noch feestliker troch wol in hûnderd skûten mei de measten de flagge yn top, dy't allinne út bilangstelling komt wiernen en oan 'e kant fen de Wide Ie en op oare plakken leinen'*.³⁶

Sadree't de frekwinsje fan 'e wedstriden tanaam, kamen de grutte nammen nei foaren. Wietse Oenes van der Meer út Oerterp liet yn 1840 syn skip 'De Koopman' bouwe by E.T. Holtrop te Drylts. Trije jier letter wûn er op 'e Snitser hurdsyldei. Der soene oant 1857 ta noch acht earste prizen en acht premys by komme. Syn soan Gjalt soe mei itselde skip sân kear yn 'e prizen falle. In oare betûfte hurdsiler wie Greelt Zijlstra út Drachten. Fan 1849 oant 1862 behelle er, earst mei De Jonge Greelt en letter mei de Jonge Rein, 34 prizen of premys. Dat der by 't hurdsilen al in elite namme makke, docht bliken út 'e ûnderlinge silerij op De Feanhoop yn 1860 dêr't fjouwer ferneamde silers oan meidiene (haadstik 2, nû. 462). Prizefûns *f* 100. It leit yn 'e reden dat ien of mear leafhawwers it prizejild delteeld of opskarrele hawwe. Wa wit, is it in iere foarm fan sponsoring. Zijlstra struts de priis ad *f* 40 op.

Om 1880 hinne kamen ek in tal skippers boppedriuwen yn 'e útslaggen. Foar de bestjoeren hie dat konsekwinsjes. Om de mindere goaden dochts te stimulearjen mei te dwaan, koene hja twa dingen dwaan: de baasskippers útslute of har útnoegje mei te dwaan yn in aparte klasse. Sylferiening 'Frisia' sleat yn 1880 sels fjouwer skippen út. Berghuis & Mensinga, Tjerk Boorsma, Mindert Peekema en Herre Klases van der Veen wiene troch de 'Oostergoo' earder yn it seizoen foar in aparte klasse útnoegje, mar 'as tank' mochten se net ynskriuwe by har susterferiening. Fjouwer jier letter stiet de lêste útsluting yn dizze rige notearre. Op de syldei fan ZV 'Oostergoo' waard it ferneamde beurtskip fan Mindert Peekema net talitten.

Dat bestjoeren soms de ûnsympatike útslutingsmaatregel namen, koe twa redenen hawwe. Foarst om in iensidige kriich foar te kommen, en twad om't hja bang wiene foar in (te) lyts tal ynskriuwings. It lytse tal meidoggers wie dochts faak al in probleem foar de organisatoaren fan hurdsyldagen. Dus moasten ferieningsbestjoerders ynvintyf wêze, mar dat wiene de skippers ek. Neffens oerlevering skreaune ris twa skippers yn foar in wedstryd dêr't in minimum fan trije skippen fereaske wie. De twa skippers giene nei in oare skipper ta en beane him *f* 5 oan om mei te dwaan. De wedstryd koe dus trochgean. De tredde ynskriuwer soarge dat er as lêste oankaam. De oare twa ferdielden de priis. Oft de oanbelangjende skippers ea oer de útslutings yn sieten, is noch mar de fraach. *'Sjoch yn wurklikheit hiene se dy wedstriid woun. En sa fielden se it ek'*, sa seit âld-skipper Douwe Visser, berne te Koudum.³⁷ Syn omke Klaas Visser mocht namentlik jierren oanien net mear mei syn skip 'Lyts Koudum' by ZV 'Eendracht' te Akkrum ferskine.

Ut de hjirfoar besprutsen nammen mei oars net ôflaat wurde dat alle baasmannen oan it roer út de útslaggen te achterheljen binne. Underskate eigners noegen stjurlju fan earne oars út as skipper. Spitigernôch komme de nammen fan 'e stjurlju komselden yn 'e útslaggen foar. Dat faset meie wy net ûnderskatte om't fan twa grutheden yn 'e sylkeunst, Rein Kool út Nijegea (no Ealahuzen) en Hattum Hoekstra Sr. út Earnewâld, bekend is dat hja geregeldwei oan it roer stiene. Aldert Hoekstra, de soan fan Hattum, sei tsjin sjoernalist Hans Bakker dat syn heit trettjin kear by Jacob Keidel meisyldde.³⁸ Keidel stiet yndied trettjin kear yn 'e útslaggen. De namme fan Hoekstra is dêrby nea oanjûn. Earder hie de ferneamde Wiebe Peekema op it 'Dorp Grouw' as sturman Eeuwe (Joege) Stok. Op 'De Jonge Jan', it skip fan Sytze en Jan Sytema stjoerden altyd 'frjemde' stjurlju (Kees Haarsma, Douwe Tjerkstra en Tjitte Brouwer). Dizze 'tafallige' opjeften meitsje dúdlik dat wy ús gjin yllúzje meitsje moatte dat it byld út 'e útslaggen en register kompleet is.

Doe't nei de Twadde Wrâldoarloch in fêste kern meidoggers op it wetter kaam, steane faak skippersfamyljes sintraal. De tradysje wol dat de famylje-ear yn ûnderlinge skôgings mear te praat kaam as yndividuele prestaasjes. Nei de lêste ieuwikel hiene al fiif generaasjes Zwaga as skipper warber west. Oant 1998 ta fjouwer generaasjes Hoekstra. As wy Eildert Meeter senior meitelle - hy wie bemanningslid mar ek warber yn it bestjoer fan it Skeafûns yn 'e fyftiger jierren - dan komt it Meeterstaach ek op fjouwer generaasjes út. De famylje Visser, oarspronklik út de Súdwesthoeke, docht al mear as in ieu yn ien of oare foarm oan it hurdsilen mei. Yn 2003 wiene twa Douwe Vissers skipper. De namme fan Keimpe van der Meulen stiet al yn 1901 op in list fan meidoggers. Yn 2003 stiet 'pas' de tredde generaasje oan it helmhout. De Brouwerfamylje nimt in apart plak yn by de skûtsjeskippers. Ferskate telgen diene mei. Mar trije kear ûntbriek de namme fan in Brouwer yn 'e klasseminten fan de SKS. Oant no ta hiene net minder as alve Brouwers by wedstriden fan dy feriening it roer yn hannen, allegear út 'e neiteam fan in 19^{de}-ieuske Lammert Brouwer út De Koaten.

By it moderne skûtsjesilen is dúdlik te sjen dat de oergong fan it skûtsje fan bedriuw- nei wedstrydskip gâns feroarings foar skippers en bemanning mei him meibrocht hat. De wedstrydskipper, dy't foar syn wurk ek oan it roer fan in fracht(syl)skip stie, hearde yn 'e jierren 1930-'50 ta in útstjerrende generaasje. Op 'e syldei koe er gjin fracht ôfleverje en sette boppedat in part fan syn meubilêr út 'e roef tydlik op 'e wâl om optimaal sile te kinnen. Hjoeddedei brûke skippers en bemanningsleden har fakânsjedagen om te hurdsilen. No wolle guon stjurlju út âlde skipperslagen de eardere sitewaasje graach oerdriuwe, bygelyks Rienk U. Zwaga: *'Tegenwoordig zeilen we voor de eer. We worden er geen stuiver beter van. Het kost je alleen maar geld. Als ik in m'n leven geen wedstrijden had gezeild, had ik nu een machtig mooie bungalow gehad.'*³⁹

It patroan fan it skûtsjesilen en de skûtsjesilers is dus feroare. De komst fan de IFKS mei syn partikuliere skippers hat dêrfoar in wichtige faktor west. In ûndersyk troch de Ljouwerter krante yn 2002 lit sjen dat de gemiddelde âldens fan de meidoggers oan beide organisaasjes likernôch 35 jier is. Fierder is der grut ferskaat yn 'e sifers. It oandiel froulju is by de IFKS 17% en by de SKS 'mar' 4%. By de IFKS farre op guon skippen lju út beskate sektoaren, bygelyks juristen. Dat sil de reden wêze dat it opliedingspeil by de SKS wat leger leit. In oar feit dat ús net fernuveret, is dat by de IFKS it tal net-Friezen (23%) aardich heger is as by de SKS (4%).⁴⁰

Organisaasje en organisatoaren

Yn guon histoaryske beskriuwings komt de kastlein as earste organisator op it aljemint. Yn âlde tiden koe in hurdsilerij slim sûnder him plakfine, want earne oars koe men foar oanjefte en priisútrikking meastentiids net terjochte. Silerijen dy't wat mear om 'e hakken hiene, organisearre er mei lju út 'e hegere boargerij, yn 'e oankundigings ek wol oantsjuten as 'leafhawwers'. Faak waarden de wedstriden hâlden yn it ramt fan 'e jiermerk. Gearwurkjende kastleins koene ek hurdsilerijen útskriuwe, lykas te Grou yn 1857. Dochs wolle de lju net altyd de ynbring fan 'e kastlein by it skûtsjesilen yn it goede perspektyf sjen. Guon sjogge him allinnich as ien dy't inkeld each hat foar syn omset.⁴¹ Dat der yn 'e 19^{de} ieu sylferienings ûntstiene, kaam net om't men syn nocht hie fan 'e kastlein mar om't de organisaasje fan 'e silerij (û.o. troch gruttere dielname en it grutter tal taskôgers) hegere easken stelde. Twa 'bûtengewoane' silerijen steane op 'e list. De útdagingswedstryd yn 1836 en de ûnderlinge silerij op De Feanhoop yn 1860. Oft der mear soksoartige silerijen hâlden binne, falt noch te besjen. Der moast jild op tafel komme, want de baasskippers sylden net om 'e nocht.

De earste sylferienings yn Fryslân kamen yn 'e midden fan de 19^{de} ieu ta stân ûnder ynfloed fan Prins Hendrik 'De Zeevaarder'. Hy makke him soargen oer de maritime posysje fan ús lân. Ien fan 'e mooglikheden de delgong te kearen wie it oprjochtsjen fan sylferienings, dy't learlingen oan 'e marine-kweekskoallen finansjeel stipen. De earste twa ferienings yn Fryslân, ZV 'Oostergoo' (1848) en ZV 'Sneek' (1851) beantwurden oan 'e keninklike grûnslach. KZV 'Oostergoo' azemt noch hielyd de sfear fan de elite fan doedestiids. Skûtsjesilen stiet dêre net mear op har programma, mar de feriening hat foar de ferselsstanniging dêrfan dochs in wichtige faktor west. Ek de sylferiening út Langwar wie fan betsjutting foar it skûtsjesilen. ZV 'Langweer' sette yn it oprjochtingsjier, yn 1859, daliks al de fracht- en beurtskippen op it program. Ien meidogger joech him oan, te min fansels om de wedstryd trochgean te litten. Mar dêrnei kaam dy klasse wol fiif jier achterinoar út op 'e Langwarder Wiellen. Tydlingswei organi-

searre hja dêrnei noch skûtsjesilen. De lêste kear yn 1952. Doe skode de feriening dy klasse ôf nei in kommisje. By ZV 'Frisia' liket in hege posysje yn 'e sosjale rangoarder minder wichtich west te hawwen want neffens de earste oantekeningen '(wordt) vóór de 1e algemeene Vergadering ieder op aangifte zonder ballotage als lid aangenomen'.⁴² Ien feriening mei in goede takomst rûn dochts op 'e non. ZV 'Workum' (1851) organisearre earst har silerijen op 'e Warkumermar en nei de droechlizzing dêrfan ferhuze it festijn nei de Grutte Gaast- en Sânmear (nei 1876). Doe waard ek de klasse fracht- en beurtskippen op it program set. It bestjoer bruts de ferienings-aktiviteiten yn 1897 ôf om't de Warkumer gemeenterie de jiermerk ôfskafte.⁴³ Oare wichtige ferienings dy't de holle net boppe wetter hâlde koene, wiene dy op twa Suderseeplakken, nammentlik Harns en Hylpen. Wedstriden oan 'e Suderseekust fergen kleardernôch tefolle fan it úthâldingsfermogen fan de organisatoaren.

Starum nimt mei twa hurdsilerijen mar in beskieden part fan de 19^{de}-ieuske opjeften foar har rekken. Yn 1863 wurdt by de âlde Hanzestêd de silerij organisearre troch in sylferiening wylst dat it jier dêrfoar barde troch de gearwurkjende kastleins. De sylferiening 'Westergoo', oprjochte yn 1890 hâlde har wedstriden op 'e Sleattemearmar. De feriening siet yn Balk, Sleat en Wâldsein. Om bar krige elk plak de tawizing foar de organisaasje. Dy rûn neffens oerlevering om 1900 hinne op 'e non nei slaande deilis ûnder in priisútrikking. WSV 'De Zevenwolden' op De Lemmer soe it skûtsjesilen nei 1920 earst noch oanhâlde. Fan 1931 ôf hâlde de feriening de hurdsyldei op 'e Lemster Brekken yn stee fan 'e Sudersee. De skippen pasten dêre net yn it sylprogram, mar nei de oarloch woe de feriening wer bûtendyks sile litte en dêrnei kamen de skûtsjes wer op it aljemint.

Yn earder tiden bestie it skûtsjesilen foar de aktive skipper út heechút fjouwer wedstriden it jier. Pas mei de komst fan de SKS koe der mear syl wurde. Mar der kamen foar de skippers en bemanningsleden mear mooglikheden. Inkelde skûtsjes diene yn 'e sechstiger jierren al mei oan 'e jierlikse HT-race (Harns-Skylge). Yn 1982 sette ek de jierlikse Oorlamrace (Harns-Flylân) út ein. In jier letter stie it maritym festijn Lemmer Ahoy op 'e aginda. Oan dy wedstryd mei Himelfeart koene ek skûtsjes meidwaan. Ek bûten Fryslân noegen kommisjes skippers út mei har skûtsjes nei sylwedstriden te kommen. In âlde tradysje is it silen by Delfsyl mei de pinksterdagen. It útdijende tal wedstriden hie ek in kearside. De organisaasje fan de HT-race fierde yn 1997 de klasse skûtsjes fan it program ôf fanwegen te min belangstelling fan 'e skippers, en de feiligens.

Njonken de twa oerkoepeljende organen, dêr't yn de folgjende paragraaf op yngien wurdt, moatte yn it ramt fan dit boek noch twa oare organisaasjes neamd wurde. Twa kear is in Nederlânsk Kampioenskip Skûtsjesilen (NKS) fersyld. Oanlieding ta dy selsstannige wedstrydrike wie in kompetinsjestridd dy't de IFKS inkelde seizoenen dwaande hold. Klaas

Snits 1913. Foarop Rein Kool mei de 'Drie Gebroeders'.





De Lemmer 1921. Flak foar de start fan de klasse fiskersskippen dêr't Lucas Foekema (it skip sylt links), as iennichste frachtskipper op 'e hurdsyldei, ek by yndield is.
(Foto Frysk Skipfeart Museum, Snits)

Adema út Hylpen, earder bestjoerslid fan 'e IFKS fûn dat de reglemintearing dêre burokratyske foarmen oannaam. Hy naam yn 1988 it inisjatyf om in Nederlânsk kampioenskip te hâlden ûnder de flagge fan it Koninklijk Nederlands Watersport Verbond (KNWV). De SKS en IFKS namen de driigjende fersnipeling dochs wol serieuus en leine foar har leden it near op Adema's foarstap. Nettsjinsteande de hege startjilden dy't de sponsor oanbea, wie it tal ynskreaunen te lyts om te sprekken fan in represintatyf meidoggersfjild. It wie gjin goede basis om fan it evenemint in fêste tradysje te meitsjen. Yn 1988 waarden der te min wedstriden fersyld om in kampioen út te roppen. In jier letter koe de organisaasje wol in krânse útrikke. Op 'e list fan kampioenen bleau lykwols mar ien namme stean, dy fan Simon van der Meulen, want nei twa edysjes kaam der gjin ferfolch mear fan dit evenemint.

Oant no ta binne der trije silerijen yn it ramt fan Projekt 'Friesland Vaart' fersyld. De stifting 'Friesland Vaart' joech yn 1998 meiwurking oan 'e manifestaasje 'Fryslân 500' troch de organisaasje fan in maritym festijn op har noed te nimmen. De kommissaris fan 'e Keninginne hie fia de stifting it idee lansearre, as ûnderdiel fan 'e aktiviteiten in hurdsilerij fan skûtsjes fan 'e twa oerkoepeljende organisaasjes te organisearjen. De SKS en IFKS joegen it advys oan 'e skippers om posityf op 'e útnoeging te reagearjen. Op 17 juni organisearre de IFKS in oanbringtocht fan Starum nei De Lemmer. Mear as fyftich skûtsjes diene mei. In dei letter wie der op De Lemmer in admiraalsylderij. Boppedat kamen 28 skûtsjes oan 'e start foar in wedstryd, organisearre troch WSV 'De Zevenwolden'. De stifting hie op 'e Daam in tribune delsetten, ek foar in konsert fan De Kast. Faaks wie dit oant no ta de iennichste kear dat de taskôgers by it skûtsjesilen op in tribune sitte koene.

Yn 2002 sette de stifting 'Friesland Vaart' har twadde aktiviteiterige op priemmen. De dielnimmende plezierfartugen ûndernamen in tocht fan Dokkumer Nije Silen nei De Lemmer. As bykommende attraksje kamen op 22 july, as tarieding foar de kampioenswedstriden, de fjirtjin SKS-skûtsjes te Earnewâld tsjininoar út.

In fêste tradysje by de SKS is de sluting fan it seizoen mei in 'amateursilerij', mei in ynfallerskipper oan it roer (ynsteld yn 1959). De IFKS hâldt troch it jier hinne in rige rynsk sponsore wedstriden yn 'e Bedriuwe-kompetysje. Fan beide steane de útslaggen net yn dit boek.

Noch efkes werom nei de kastlein. Dy soe nettsjinsteande de komst fan 'e sylferienings net út it byld ferdwine, al wie it allinnich mar om de by him te hâlden priisútrikkings. Hjoeddedei feroaret der wol wat. Guon organisatoaren litte in feesttinte delsette dêr't eltsenien nei ôfrin fan de silerij al of net tsjin betelling, wolkom is.

De oerkoepeljende organen

a) De SKS

De oanlieding om in oerkoepeljend orgaan foar it skûtsjesilen yn it libben te roppen, wiene de wedstriden dy't yn 1944 fersyld waarden. Op 30 augustus fan dat jier stjoerde Klaas Kingma út Dokkum, foarsitter fan ZV 'De Watergeus', in brief nei Gerben van Manen, arsjitekt út Drachten. Der soe neffens him koördinaasje fan wedstryddata komme moatte. Mocht de oarloch oer wêze dan kamen der grif mear plakken by. Kingma stelde it brief oan Van Manen op *'daar ik weet dat U een liefhebber bent van het skûtsjesilen en hier zeker ook het Uwe toe wilt bijdragen, om onze schippers in de naaste toekomst zoveel mogelijk wedstrijden te geven waar zij ook om hun tijd heen kunnen gaan, en die verdeeld zijn over de hele zomer'*.⁴⁴ It lêste part fan de sin is net fan tapassing op de hjoeddeiske tiid, mei in wedstrydige dy't yn in tiidsbestek fan sa likernôch fjirtjin dagen hâlden wurdt. Oars as no koene de skippers net samar in tal dagen achterinoar frij nimme.

It inisjatyf fan Kingma late op 22 july 1945 yn kafee Bellevue te Ljouwert ta de oprjochting fan de 'Vereniging van skûtsjesilers-commissies in Friesland', in jier letter wizige ta 'Sintrale Kommisje Skûtsjesilen'. De gearkomste beneamde Gerben van Manen as foarsitter. Feitlik wie de wichtichste taak fan de feriening in beheinde, nammentlik it fêststellen fan de data. Dat die bliken yn 'e fyftiger jierren, doe't de dielname hurd achterút gie. Yn 1953 advisearre de SKS de kommisjes gjin wedstriden te organisearjen. In tal skippers sette der dochs de skouders ûnder, dat der koene fiif wedstriden fersyld wurde. Dat kaam faaks de ûndergong fan it skûtsjesilen tefoaren. Dy kritike perioade koe ôfsletten wurde troch de earder neamde oankeap troch de Stifting 'It Earnewâldster Skûtsje' yn 1956. Lju yn oare plakken folgen de Earnewâldster kommisje nei, bygelyks Snits (1956), It Hearrenfean (1957) en De Lemmer (1958). De 'Kommisje Skûtsjesilen Grou', organisator fan de syldei te Grou, kocht yn 1957 sels in skip oan. It âldste, en tagelyk it iennichst noch meidoggend partikulier skûtsje, is fan Eildert S. Meeter út Akkrum. Hy folge syn heit Siete Meeter op dy't sûnt 1961 him mei in skûtsje by de SKS oansleat. Meeter fart no foar Boalsert.

De strukturearring fan 'e SKS kaam stadich op glead. Yn 'e fyftiger jierren fan de foarige ieu bleau noch mar in lytse fêste kearn fan dielnimmers oer, dy't it boppedat mei de ekonomyske ûntjouwings fan dy tiid net sa maklik hiene. Om it punt finânsjes koene de lju net mear hinne: *'Ieder (...) weet uit eigen ervaring, dat ook bij het skûtsjesilen wel eens averij voorkomt. Heeft zulk een vrachtschip averij, dat zijn er in deze dure tijd dadelijk tientallen guldens mee gemoeid om het schip weer zeilklaar te*

krijgen', sa giet in sitaat út in brief fan Tiny Mulder.⁴⁵ Hja wie, ûnder mear mei har man Jildert Zuidema en Eildert Meeter Sr., yn 1950 ien fan de inisjatyfnimmers fan it subsydzjefûns of skeafûns, in fûns dat letter opgie yn 'e SKS (1958). It doel wie om foar te kommen dat meidoggers ôfheakken om finansjele problemen troch skea, oprûn ûnder it skûtsjesilen. Hjoeddedei komme ferlykbere soargen folle minder foar. It djoere ûnderhâld fan it skip kinne partikulieren en net-partikulieren ûnder mear ûnderfange troch sponsoring en frijwilligerswurk. Oare mooglikheden om mei de tiid mei te gean, wurde fansels ek benutte. De eigenarekommisje fan Langwar kocht yn 1997 in twadde skip oan. Om de finansiering yn 'e hân te hâlden, joech hja oandielen út.

Kampioenskipswedstriden, ek wolris oankundige as Frysk kampioenskip, waarden earst om bar tawiisd oan ien organisaasje. Spitigernôch misse de gegevens fan 'e wedstriden te Langwar yn 1945. Ut oerlevering witte wy dat Klaas van der Meulen en Ulbe Zwaga inoar, ûnder en nei de wedstryd, aardich yn it hier sieten. Neffens Klaas van der Meulen '(kaem) Ulbe as earste oer de streek, mar ik foun dat ik yn myn rjocht stien hie by it draaijen. De jury joech my gelyk'.⁴⁶ Op 'e útstalling 'SKS-skûtsjes', hâlden yn 1984 yn it Frysk Skipfeartmuseum te Snits, wie de oranje kampioenswimpel 1945 te sjen yn 'e fitrine fan Klaas van der Meulen. Dus wisten wy doe (pas) definityf wa't de earste kampioen wie. Fan 1952 ôf jilde de (measte) silerijen op de wedstrydaginda foar it kampioenskip. Allinnich yn it seizoen 1969 wykte de SKS fan dy regel ôf doe't trije wedstriden meitelden foar de titel.

Fan 1970 ôf steane de kontoeren fan 'e wedstrydige fêst. Alve saeamde wedstrydkommisjes nimme de organisaasje fan 'e hurdsilerijen foar har rekken. Op 'e Lemmer wurdt twa kear syld. Op 'e earste dei swaait de Ljouwerter kommisje dêre de septer, op 'e twadde dei de WSV De Zevenwolden. De bepaling dat de sturman fan it skûtsje mei it leechste oantal punten ta kampioen útroppen wurdt, stiet al yn it reglemint út 1946.⁴⁷ Allinnich rûn Douwe Tjerkstra dy titel yn 1952 mis om't Jan Sijtema as eigner fan 'De Poep' dy eare takend waard.

De fjirtjin skûtsjes sile mei in fêst seilteken (letters of byldmerk), dat wy hast as in logo beskôgje meie. Foar de Twadde Oarloch krigen de dielnimmers in 'nûmer' yn it grutseil. It wie tagelyk it wedstrydnûmer. Op de ein fan de fyftiger jierren waard keazen foar in teken dat de bân mei it plak oanjout dêr't foar syld wurdt. It nijsgjirrichst seilteken yn 'e float is de 'W' yn it túch fan it skip dat no eigendom is fan de stifting 'Skûtsje Klaas van der Meulen'. Klaas van der Meulen hie dit skûtsje oankocht om as partikuliere skipper fan 1965 ôf mei te dwaan. *'De minsken tinke dat de W yn myn seil de W fan Wâldsein of fan Wymbritseradiel is. Ik lit dat mar sa, mar it is de W fan Willemke, myn frou'*.⁴⁸

De tanimmende belangstelling foar it skûtsjesilen en it yntensivere omtinken foar de skûtsjes soe de organisaasjestruktuer fan 'e SKS sterk beynfloedzje. It oanstellen fan in wedstrydsjuery, eartiids it foech fan 'e wedstrydkommisjes, gie yn 1969 oer nei de SKS. It jiers dêrfoar wie der safolle heibel fan inkelde skippers ûnderinoar, dat men koe net mear om in fêste sjuery hinne.⁴⁹ Tink allinne mar oan 'e ienheid yn 'e tapassing fan 'e regleminten. De sjuery bestiet út trije leden. Skippers dy't nei in ferlern protest yn berop gean wolle, koene al yn 1960 oanklopje by de sylried. Tsjintwurdich besjocht dit orgaan allinne oft de wedstrydsjuery by har beoardieling de regleminten goed tapast. Der kaam in saneamde minwaarried yn 1966. Dy kommisje bepaalt yn oerlis mei de skippers oft in wedstryd al as net trochgiet.

Nei't de SKS-leden akkoarten mei de formule Amels waard de kontrôle fan de regels tabetroud oan de 'Commissie Amels' (ynsteld yn 1979). Om it sicht te hâlden op feroarings fan 'e skippen stelde de SKS yn 1987 de orzjinaliteitskommisje yn. De needsaaklike profesjonalisearring fan it tafersjoch op it riden en farren fan 'e fjirtjin skippen, soe liede ta de fúzje fan de kommisje Amels en orzjinaliteitkommisje yn 2000. Troch de ynstelling fan 'e 'Commissie 2000' kaam der in bettere struktuer om it tafersjoch op de ûnderskate regels, dêr't de meidoggende skippen oan foldwaan moatte, yn goede banen te lieden. De doelen 'orzjinaliteit' en lykweardigens waarden no kombinearre.

It earste reglemint foar it skûtsjesilen ferskynde yn 1959, it earste folleine hânboek yn 2004. It tige tinne boekwurkje is no útgroeid ta it hânboek mei detaillearre gegevens. Doe't Alex Brinksma yn 1993 syn ôfskie as foarsitter oankundige, koe er weromsjen op in perioade dêr't ûnder syn lieding de opbou fan 'e organisaasje op profesjonele wize oanpakt is.⁵⁰ Alle jierren hâldt de SKS kampioenswedstriden. De skipper mei it bêste resultaat oer alve silerijen wurdt útroppen ta kampioen. Allinne leden fan de SKS meie mei in skip ynskriuwe, dat binne der sa't al earder sein is, maksimaal fjirtjin. Dat tal stelde de ledegearkomste yn 1968 fêst. Dejingen dy't har letter noch oanmelden om mei te dwaan krigen steefêst nul op it rekest. It soe úteinlik de oanlieding wêze foar de oprjochting fan in twadde oerkoepeljend orgaan.

b) De IFKS

Ein 1981 waard yn hotel-kafee 'De Hinde' te Hylpen de oprjochtingsgearkomste fan de Iepen Fryske Kampioenskippen Skûtsjesilen (IFKS) hâlden. Foarstapnimmer wie Gerrit Roosjen, taksyûndernimmer út Frjentsjer. Roosjen hearde ta de skipseigners dy't om 'e nocht by de SKS oankloppen om mei te dwaan. Hy waard stipe troch SKS-man Bearend Hof, dy't foar skipper Hylke de Vries opkaam, en Yde Schakel út Eksmoarre. Harren aksje om in twadde organisaasje yn it libben te roppen,

krige genôch respons. De animo fan 'e skûtsjeskippers wie foldwaande om yn 1982 op de Iselmar by Hylpen en Makkum fjouwer wedstriden te fersilen. Op 10 augustus kamen 16 skippen oan 'e start. De konfrontaasje tusken de skippers waard op 'e wâl mei niget folge. Kritisy fûnen dat it krúsrak der net goed ynlei, mar nettsjinsteande inkelde lytse tekoartkommings krige de Hylper organisaasje in foldwaande. Om't de oare wedstriden ek goed ferrûnen, betsjutte dat foar de SKS dat hja it monopoalje fan it skûtsjesilen kwyt wie. It lit him begripe dat de ferhâldings tusken de beide organisaasjes earst fjoer en wetter wie. De IFKS, oantsjuten as de 'alternativen', levere kritek op it elitêre karakter fan 'e SKS. De foarsitter dêrfan, Alex Brinksma, seach de nije feriening as in tydlike saak: *'Ik beschouw de "Iepen Fryske Kampioenskippen Skûtsjesilen" als een hevig, maar kort gebeuren'*.⁵¹ De foarsitter, oars in grut kenner fan 'e skûtsjesilerswrâld, skatte de sitewaasje lykwols ferkeard yn. Troch de taname oan frije tiid en bettere finansieringsmooglikheden koene partikulieren, kollektiven of stiftingen in skûtsje yn 'e feart bringe.

By de IFKS rekken bernesykten op bestjoerlik nivo yn 'e earste jierren it hart fan 'e organisaasje: *'Verantwoordelijkheden waren niet duidelijk, schippers waren tevens bestuurslid en wat nu wel en niet mocht op een skûtsje bleef vaag. Bestuurlijke oorlogen braken uit, persoonlijke vetes werden op straat uitgevochten'*.⁵² Mar de feriening kaam yn rêstiger farwetter doe't der profesjonele bestjoerders en organisatoaren oanlutsen waarden. Under lieding fan Wiebe Pitlo en Jo Bosma, respektivelik de boargemasters fan Gaasterlân-Sleat en Lemsterlân, kaam de IFKS op it goede spoar en koe de opbou fan de feriening trochgean. De IFKS moast ek wol as in klokje rinne om wedstriden mei hyltyd mear ynskriuwing goed ferrinne te litten. Dêr soe Syb Bandstra in wichtige rol yn spylje.

De bûtenwrâld nimt de IFKS-silerijen no wol serieus, mar de feriening moat noch fjochtsje foar in posysje, lykweardich oan 'e SKS. In tal skippers, lykas Jitze Grondsma, Allard Syperda, Ulbe R. Zwaga en Ale Zwerwer, sylde earst by de IFKS foar't de lju 'promovearren' nei de SKS. De skippers sjogge de SKS dus as in hegere divyzje.

In oar punt dêr't mannichien ek no noch krityske opmerkings oer makket, is de I fan 'iepen'. Yn it leksikon fan 'e skipperstaal, dat foarich jier útkaam, wurdt de IFKS sels ûnder it trefwurd 'iepen' beskreaun.⁵³ Dat docht oan 'e feriening lykwols net alhiel rjocht. Ferlykje wy de ferieningsnamme mei dy fan oare organisaasjes yn 'e sportwrâld, dan giet it yn ús gefal om in Frysk kampioenskip dêr't de dielname ek fan iepen stiet foar lju bûten ús provinsje. Dat 'iepen' in beladen wurd is, dêr binne de oprjochters ek mandélích yn. Om har ôf te setten tsjin de SKS dat sportyf besjoen in sletten sirkwy is, leine hja de klam steefêst op 'iepen'. Dat waard de organisaasje letter achternei droegen, benammen doe't de fraach oan 'e oarder kaam oft der in plafond foar it tal meidoggers komme moast. De redakteur fan 'e Ljouwerter krante seach it gefaar fan in lichtfeardige

beantwurdig: *'De IFKS zal voor de vraagstukken niet weg kunnen lopen. (...) Lastigste vraag blijft of de IFKS een open club moet blijven. De grondslag 'iepen' bood eerst alle vrijheid. Nu is hij een belemmering geworden.'*⁵⁴ De lêste opmerking is der by troch. Krytk op dit punt mei der pas komme as by in limitearring fan it tal meidoggers de mooglikheden ta trochstreaming opkeard wurde.

De niis al neamde bynamme de 'alternativen' komt grif mei om't de IFKS in tal fasetten fan har susterferiening kopiearre hat. De puntetelling is gelyk, alteast foar de skippen dy't oankomme. De seiltekens binne ek yn 'e foarm fan letters of byldmerken. Faaks soene nûmers it wedstrydferrin it foar de taskôgers oan 'e kant wat oersichtliker meitsje, dochs Gerrit Roosjen woe graach dat de meidoggende skippen in binning hawwe mei in plak. Dat slagge yn 'e praktyk net alhielendal. As lêste punt fan dit item binne guon fan de te fersilen wedstrydbanen gelyk, mar de Olympyske baan komt allinne by IFKS-wedstriden foar. Ienriedich binne de bestjoeren fan beide organisaasjes yn 'e winsk dat alle meidoggers har achter de orzjinaliteitseasken stelle en alle war dogge it skip en útrissing neffens de regels foarinoar te hawwen.

It bestjoer fan de IFKS, dat út sân leden bestiet, hâldt him dwaande mei beliedssaken. De 'Commissie Generaal' hat de ferantwurdig foar de wedstryd en wat dêrmei gearhinget. Sân wedstriden steane op de aginda. Sûnt 1985 wurdt yn mear as ien klasse syld, mei promoasje- en degradaasjesysteem. Earst yn twa, fan 1993 ôf yn trije en sûnt 1999 yn fjouwer. De skipper dy't it leechst tal punten hellet yn 'e A-klasse, mei him of har kampioen neame. Sûnt 2002 is de hjoeddeiske klasseyndieling fan krêft. Op wedstryddagen komme moarns en middeis fjouwer klassen yn aksje: De A-klasse grut, de a-klasse Lyts, de B-klasse en de C-klasse.

De karakteristyk fan 'e skûtsjeskippers

Sosjoloog Lieuwe Pietersen jout yn syn boek oer it skûtsjesilen hjir en dêr karakteristiken fan skippers. De skipper koe in kalme gesachfierder wêze mar ek obsternaat. De lju fleagen inoar wolris yn 'e hierren, mar om 1960 hinne wiene de *'vormen van beschaving'* wat feroare: *'Men is minder openlijk in zijn bedreigingen'*.⁵⁵ Foarbylden fan eardere opljeppenens kamen wolris yn 'e publisiteit. Under de Snitser hurdsyldei fan 1901 joech neffens in kranteberjocht in lichte oanfarring *'van een stoomboot en een tjalkscheepje aanleiding, dat een der schippers van laatstgenoemd vaartuig zeer hartstochtelijk werd en een vaarboom gebruikte om zijne woede te koelen, zonder echter zijn doel te bereiken'*.⁵⁶ Om misbegripen foar te kommen, it is yn dit gefal net dúdlik oft it al of net giet om in meidogger fan 'e wedstryd.

Om't, lykas wy earder seagen, de frachtskipper it gauris mei oare sylleafhawwers oan 'e stôk hiene, sille de skûtsjesilers it imago fan rûch skipperfolk net gau kwyt reitsje. Ferjit net dat it der ûnderinoar soms mâl om ta gie. Stikjeskriuwers wolle de duvelske fiten fan eartiids noch wolris goed oansette, lykas dat *'sommige schippers met jachtgeweren voorzien aan de zeilrace deelnamen, met het doel de zeilen van hun grootste concurrenten aan flarden te schieten, wanneer zij daartoe de kans kregen'*.⁵⁷ Sa'n foarfal skynt yn in fier ferline wolris bard te wêzen, in struktureel probleem hat it nea west. Bekende ferhalen spylje yn Akkrum, want *'tijdens zo'n wedstrijd sloegen de skippers elkaar soms met lege berenburgflessen op de sodemieter'*.⁵⁸ De dissipline is der yn 'e moderne tiid aardich better op wurden. Benammen yn 'e tritiger jierren fan de foarige ieu begûn it skûtsjesilen in noflikere karakter te krijen. Nei't nei de oarloch it meidoggersfjild wer oanwoeks, waard der wer op 'en skerpsten syld. Ulbe Zwaga sei yn 1971 tsjin publisist Hans Bakker dat it der eartiids net sa wreed oan ta gie: *'Het is nu met de skûtsjes veel meer jachtjessport. Ze draaien elkaar boven de zeilen. Dat was niet zo bij het ouderwetse skûtsjesilen'*.⁵⁹

Neffens Lieuwe Pietersen hawwe strenge godstsjinstige opfettings it stimpel set op it skipperfolk. Yndied moast Roelof Buisman al rekken hâlde mei it fêststellen fan in datum doe't er mei syn aktiviteiten út ein sette. As it op snein wie, *'koe men út 'e Súdwesthoeke net folle forwachtsje'*.⁶⁰ Ek de SKS en IFKS hâlden by har aktiviteiten de snein bûten de doar. Allinnich de NKS briek yn 1988 foar ien kear mei dy tradysje.

De echte Fryske skipper lykje neat op te hawwen mei oarder en regel, oplein troch oaren. In kranteman dy't in ferslach makke fan it skûtsjesilen fan KZV 'Oostergoo' yn 1928, omskreau it as 'teugelloosheid'. Ofsprutsen wie de ôffert om ien oere, mei strutsen seilen yn 'e sleep, elts skip oan syn nûmer achter de direksjeboat. Doe't de direksjeboat om dy tiid nei de Rjochte Grou foer, lei der noch gjin skip op syn nûmer oan 'e wâl. Hjir en dêr kaam in skip oansilen, sadat it efkes duorre foar't eltsenien te plak lei. Doe't *'een der oude waterkoningen'* der fan in bestjoerslid wat oer te hearren krige, *'spuwde hij een artistieke boog pruimsap overboord en zei: "Wy binn' sa frij as God yn Frankryk, hear!"'* Doe't de skûtsjes nei in lyts oere útstel dan einlik útein sette soene, wie fan 'e 'teugelloosheid' neat mear te fernimmen. De kranteman rekke hielendal yn ekstaze: *"Sa frij as God yn Frankryk", zoolang het er niet zoo erg op aankomt, maar één van wil en één in 't aanpakken, allen gehoorzamen aan één leiding, als het groote ogenblik is aangebrooken! Is deze start niet een lesje van de Friesche schippers aan hunne stambroeders?*⁶¹

It SKS moast sels yn 'e gearkomsteseal rekken hâlde mei de eigeninnichheid fan 'e skipper. Neffens Pietersen wie it bywenjen fan in gearkomste *'voor een vreemdeling al een ietwat zonderlinge gewaarwording. (...) Zelden zal een buitenstaander een zo ongedisciplineerd*

vergadervolk als deze schippers en aanhang hebben meegemaakt.⁶² Der wurdt yn 'e seal rêstich trochpraat as ien it wurdt fiert. Hoewol't de skippers har ferantwurdlik fiele foar de besluten dy't nommen wurde, sjogge hja de jiergearkomste neffens Pietersen mear as in konferinsje of reüny. Hjoed de dei stiet der in oare generaasje oan it helmhout, de skippers en bemannings dogge oan ûnderskate wedstriden mei. Se sjogge inoar geregeld. Yn 'e tuskentiid is ek de oerlisstruktuer ferbettere. De 'gaos' is dan ek op 'e jiergearkomste fan 'e SKS ferdwûn.

Guon skippers hawwe namme makke oars as by it hurdsilen. By 't winter wie der tiid foar it hurdriden. Guon koene op 'e hurdridersbaan goed út 'e fuotten. Dêrby ek skippers dy't yn ús register steane. Grutsk fertelt Klaas van der Meulen oan Hylke Speerstra oer syn triomf te Balkbrug. Lykas by it hurdsilen waard der hertstochtlik striden: *'ôf ik gean dea ôf ik win dy 45 gounes foar Willemke'*. It waard de priis. *'Ik wie út 'e liken. Mar it sin oan board wie bêst, hwant wy koene in moai skoftke foarút'*.⁶³ Ek Lodewijk Meeter en Cor Salverda fertsjinnen in lytse ynstruier op 'e iisbanen. De measte behelle prizen steane lykwols op namme fan Pieter Lammerts Brouwer. Hylke Speerstra hat yn syn boek *Op redens oer oer Brouwers wederwarichheden in haadstik skreaun mei as titel 'De fiifentweintich-gûne-rider'*. Brouwer hearde ta de kategory riders dy't meastentiids út 'e reek bleau by wedstriden om grutte prizen en leaver meidie oan hurdriderijen mei in lytser prizebudzjet. Om't by dy wedstriden faak bepaald wie dat riders dy't mear as *f* 25 of *f* 40 de kear wûn hiene, har net oanjaan mochten, bleaune de baasriders fuort. Salang't de riders der mar foar soargen dat hja net mei mear as *f* 25 oan prizejild de riderij thúskamen, bleaune se wolkom by de 'lytsere' wedstriden. Dat wiene de 25 gûne-riders. Op in list mei hurdriderijen foar manlju oant en mei 1940, sjogge wy dat Brouwer 22 kear yn 'e prizen foel, dêrûnder wiene njoggen earste. As winstom ynkassearre er mei-inoar *f* 309. Dy gegevens meitsje dúdlik dat Pieter Brouwer by de subtop hearde, want de elite hurdriders koene yn in strange winter soms mear as tûzen gûne opstrieke. Mar Brouwer hoegde net te krimmenearjen oer it bedrach fan mear as trijehûndert gûne dy't er yn 'e krisisjierren op it iis fertsjinne. Hy die ek noch mei oan it Frysk kampioenskip te Dokkum yn 1940, mar kaam dêr net fierder as de earste list.⁶⁴

Fan de hjoeddeiske SKS-skippergeneraasje hat Anne Tjerkstra in ferline as reedridder. Twa kear kaam syn namme foar yn de útslach fan in Alvestêdetocht (1985 en 1986). Op in oar mêd makke Tjerkstra noch namme. Der waard yn 1999 te Gersleat in útstalling fan syn skipperportretten hâlden, dy't er op oerstallich katoen ferve hie.⁶⁵ Noch immen út in âld skipperlaach hâldt him dwaande mei byldzjende keunst, nammentlik Eildert E. Meeter. Yn Himpens hat yn it tsjerkegebou in útstalling fan syn wurk west.

It skûtsjesilen as wedstrydsport en folkloare

De romantyk fan 'e fyftiger jierren fan de foarige ieu sweeft noch altyd boppe it hjoeddeiske skûtsjesilen. Lieuwe Pietersen ponearret op dat gegeven in dryste stelling: *'In eerste instantie was het wedstrijdwezen eigenlijk niet zo belangrijk'*. Haadmotyf wie neffens de auteur de striid tusken de skippersfamyljes.⁶⁶ It wie de tiid dat de gemoedlikens foar master opsloech. De eigenarekommisjes, dy't letter gâns yn 'e molke te krommeljen hiene, waarden derop oansjoen dat de striid op it wetter ferhurdzje soe. Skippers dy't net foldiene, koene samar oan 'e kant skood wurde, meastentiids nei teloarstellende resultaten. It moaiste sitaat dat de oergong nei de moderne tiid beskriuwt, komt fan skriuwster Tiny Mulder. Hja folge it hurdsilen jierren oanien as ferslachjouster, mar rekke dêrop útsjoen *'doe't de skûtsjes it hiele jier foar de wâl leine, al mear op jachten begûnen te lykjen, regleminten baas waarden en de skippers elkoar bestooken mei protesten; doe't by it starten nota bene op 'e skûtsjes in stopwatch brûkt waard, hie ik myn niget der wat ôf'*.⁶⁷

Troch de fûle kriich op it wetter en de feroarjende wedstrydmentaliteit fan 'e skippers giene beskate tradysjes oerboard. Dat jildt faaks wol it meast foar de trening. Trening heart by sport. Mar dêr hie de âlde garde gjin boadskip oan; hja die yn it deistich wurk net oars as sile, dus wie oefenjen net oan 'e oarder. Ek doe't de skûtsjes as frachtskip ôftanke wiene, seach hja it nut fan it oefenjen kwalik yn. Op Grou seagen de lju de skippen pas foar it earst ûnder fol túch. De silerijen bleaune yn dy snuorje beheind ta de kampioenswedstriden fan 'e SKS en letter yn it seizoen in dei, fêststeld foar it amateursilen. Foar it SKS-bestjoer wie dat foldwaande. Troch de folle wedstriden soe neffens dit kolleezje it unike karakter fan it skûtsjesilen ferlern gean.

Ek doe't bliken die dat de IFKS libbensfetber wie, hâlde it SKS-bestjoer oan syn stânpunt fêst. Parselju woene dat belied wol ferdigene: *'Er moeten niet te veel skûtsjewedstrijden komen. (...) En als de 'nieuwe' skûtsjeskipppers er dan nog van doordrongen zijn, dat een wedstrijd met skûtsjes iets anders is dan een wedstrijd met Vauriens (om maar wat te noemen), is er al veel gewonnen'*.⁶⁸ Doch moast it bestjoer bod jaan. De skippers woene har frije tiid benutte om mear te silen. Guon reservearren jûnsoeren of dagen yn de wykeinen om mei de bemanning te oefenjen. Neffens de lju fan 'De Sneker Pan' *'(wordt) het skûtsjesilen meer en meer gezien als een teamsport, waarbij het van belang is dat schipper en bemanning op elkaar ingespeeld zijn en zij gewend zijn aan hun skûtsje'*.⁶⁹ Fanwegen de tariesding fan it seizoen koene in stikmannich skippers it SKS-bestjoer oerhelje om (foar in part) oer syn beswieren hinne te stappen om oan oare wedstriden mei te dwaan. De skippers meie oan inkelde 'frjemde' wedstriden meidwaan. De wichtichste wedstryd yn it foarseizoen is Lemmer Ahoy, organisearre troch WSV 'De Zevenwolden'.

Foar't men der erch yn hat, kriget troch de tanimmende belangstelling fan publyk en media de kommersjalisearring grutte ynfloed op it skûtsjesilen. Mar it SKS-bestjoer wol perfoarst gjin útwrydske reklame-uteringen talitte. De kommersjalisearring keare slagget ek net, lykas Eildert S. Meeter oan in sjoernaliste tajoech: *'Vroeger gingen alle schippers na afloop lang feesten. Nu gaan ze vroeg naar bed, omdat ze weer fit willen zijn voor de wedstrijd van de volgende dag. Winnen is belangrijker geworden. Dat levert weer centjes op van de sponsors'*.⁷⁰

Hat it skûtsjesilen te krijen mei folkloare? Wa't it evenemint leechlize wol, sil al gau it begryp folkloare brûke. Twa saakkundigen, Albert van Keimpema en Klaas Jansma, wolle sport en folkloare net útinoar sjen. *'Is skûtsjesilen folklore of topsport? (...) Het antwoord is kort en duidelijk: skûtsjesilen is beide. Folkloristisch omdat de schippers aan stringente bepalingen zijn gebonden om de traditie in ere te houden; topsport omdat van de bemanningen een grote kundigheid wordt vereist om een ander de loef af te kunnen steken'*.⁷¹ Of wat oars formulearre: *'Skûtsjesilen is uniek dankzij de rijkdom aan cultuur, aan typische eigenaardigheden'*.⁷² Dat wol sizze, tradysje is ferweefd mei it skûtsjesilen.

Hoe sjogge bûtensteanders it skûtsjesilen? Yn augustus 2000 stelde de NRC yn in rubryk oan in tal promininten de fraach oft skûtsjesilen in topsport is. It antwurd wie nee, ek al om't skûtsjesilen yn haadsaak yn Fryslân dien wurdt. Mei dat gegeven foel noch wol te libjen. Ald-sportsjoernalist Ben de Graaf brocht lykwols de boel yn trewyn: *'Net als kaatsen wordt in deze tijd van het jaar het skûtsjesilen belangrijker gemaakt dan het is. Daarom noem ik het een 'komkommersport'. Het skûtsjesilen is een folkloristische bezigheid en verkeert een beetje in de hobbysfeer. (...) Op een paar zeilliefhebbers na ligt de rest van Nederland echter niet wakker van het skûtsjesilen'*.⁷³

It artikel yn 'e de NRC kaam foar de SKS op in hiel ûngelokkich momint. Krekt yn dy snorje krige it bestjoer spul mei skippers en eigners oangeande de reglemintearring fan 'e skûtsjes. Foar de redakteur fan 'e Ljouwerter krante in moaie gelegenheid om him by de kritisy oan te sluten. Dêr ûntbrekke neffens him by it skûtsjesilen saken *'waardoor de kwalificatie van topsport nooit zal gelden: een ijzeren bestuur en staalharde regels'*.⁷⁴

Sels de lju yn Fryslân sjogge neffens in enkête yn 1998 skûtsjesilen net as in gewoane sport: 53% fan de ynterviewden stipe de stelling dat dizze foarm fan silen thúsheart ta in folkloaristysk barren. Skipper Douwe J. Visser sei fan dy sifers net minder hurd te silen: *'It is folkloare en sport tagelyk. Ik sjoch it ferskil d'r net tusken'*.⁷⁵

It SKS-belied ûntkomt ek net oan in skôging. Dan sjogge wy benammen nei de status fan 'e skipper. In sturman moast altyd immen wêze dy't it skippersfak útoefene of útoefene hie. Letter waarden lju beneamd dy't út in skipperslaach kamen. Oan dy tradysje woe it SKS-bestjoer him hâlde. Yn



Der binne noch gâns ôfstammelingen fan silende skippers, al is it net altyd yn 'e manlike line. Op dizze foto fan de hûshâlding fan Lammert en Jikke Brouwer út 1930 steane fiif skûtsjeskippers:

Willem (links efteroan), Piter (tredde fan links), Lammert sr. (middelste rige, tredde fan links), Taeke (ûnderste rige, twadde fan links) en Tjitte (ûnderoan earste fan links). Willem en Tjitte krigen gjin bern, Piter en Taeke inkeld dochters. Akke (middelste rige, twadde fan links) troude mei Ulbe Zwaga en wie de mem fan de kampioensskippers Rienk, Jeen en Lammert.



Sulveren tabaksdoaze, wûn troch Jan Wiebes Brouwer op de Snitser hurdsyldei fan 1837.
(Foto Frysk Skipfeart Museum, Snits)

1969 kaam it ta in pynlik konflikt. De Grouster kommisje stelde Albert Wester, in kundige siler, ta skipper oan. Mar: *'Zolang dat nog kan, moet een skûtsje worden bestuurd door iemand die uit de schipperswereld voortkomt'*, sa reagearre it SKS-bestjoer. Dy lei it near op 'e beneaming. De skûtsje-eigner stelde him mei dy beslissing net tefreden en it skip bleau dat jier foar de wâl lizzen.⁷⁶

De bepalings waarden letter wat ferromme, mar nettsjinsteande dat kaam it yn 1982 wer ta gâns in opskuor. Ien dy't fiif jier bemanningslid wie, koe yn 'e beneaming komme foar skipper, sa wie steld. De Lemster eignerskommisje pakte dy bepaling op en stelde Jelle Reijenga as skipper oan. Om't Reijenga timmerman wie, skrokken de 'puristen' wekker. De kommentaren wiene net om 'e nocht: *'Nog even en we hebben ook een slager of een dominee aan het roer'*.⁷⁷ Even earder hiene de bruorren Zwaga al protestearre tsjin de beneaming fan Frico-sjauffeur Joop Mink op Grou.

De ôfstammingseasken oan 'e nije skippers jilde by de SKS noch altyd. As grutste kritikus fan dy foarskriften opponearre him jurist Rienk Wegener Sleeswijk, kenner en bestjoerder yn 'e wrâld fan 'e klassike fartugen. Hy fûn de regel út 'e tiid en naam dit item mei yn in quo vadis dat er yn it SKS-jubileumboek skreau. Neffens him wie it de baas en skaf dy regel ôf *'om het afglijden naar puur konservatisme te voorkomen'*. No't de generaasje fan skippers dy't it metier noch meimakke hat, fierhinne útstoarn is *'en thans de (klein)zonen aan het helmhout staan, is de regel niet anders dan zinloze bevoorrechting van enkele individuen'*.⁷⁸

Bestjoer en leden seagen gjin reden it belied by te stellen. De regels waarden wer wat strakker oanlutsen. Yn 2004 stelde de algemiene gearkomste kritearia fêst dêr't de skipper en eventueel syn ferfanger oan foldwaan moatte.⁷⁹

De prizen

Dat der yn âlde tiden tiden earetekens, lúkse dingen en jildprizen, trochinoar hinne bestiene, kin mear as ien reden hawwe. Bygelyks de status fan de meidoggers. De ferneamde skriuwer Waling Dykstra seit oangeande it hurddraven dat *'men het (voorheen) onkiesch zou hebben gevonden, den eigenaar van een harddraver, die toch meest een man van middelen is, een prijs in geld aan te bieden'*.⁸⁰ Ek by it hurdsilen foar beropsskippers lei der foar de priiswinner mear as ien kear moai sulverguod klear. De baas-skippers foelen eartiids wis net ûnder de minder bedielden, mar hjir en dêr sjogge wy dochs prizen yn kontanten advertearre. Foar de winner(s) fan de útdagingswedstryd te Snits yn 1836 en de ûnderlinge silerij op De Feanhoop yn 1860 lei jild klear. It budzjet op De Feanhoop wie f 100. De priis-en premywinner krigen f 40 respektivelik f 20. Dat wykt ôf fan de oan-kundiging (f 75 en f 25). Neffens oerlevering waard it oerbleaune bedrach

as fergoeding ferdield ûnder de meidoggers. De lju dêre wiene har tiid dus fier foarút. Mei jildprizen hiene de beropsskippers eartiids sûnder mis in spesjale status. Dat der wol deeglik statusferskil wie, docht bliken yn in diskusje op 'e ledegearkomste fan 'ZV De Zevenwolden' op 'e Lemmer yn 1887. In boeiereigner sei dat *'de boeiers zeilen voor plezier en niet om groote prijzen'*.⁸¹

Hjoeddedei wurdt yn 'e útslach nûmer ien oant en mei numer lêst yn folchoarder fan oankomst notearre. Alear barde dat oars. Oer it generaal kamen yn 'e media wa't de prizen (of priis, earste, twadde preemje, ensfh.) takend wiene. Hoe't de oaren it der ôfbrochten, wie minder wichtich. De net-priiswinners krigen neat. It gefolch wie faak dat as de kriich feitliken beslist wie, dejingen achter yn it fjild foar de ein fan de striid de kant opsochten om't it net mear fan belang wie om fierder te farren. Dat waard oars doe't in fergoedingebelied ynfierd waard, in fynst fan de Kommisje Skûtsjesilen Grou yn 1929. It hâldt yn dat de net-priiswinners dy't de fêststelde rûtes ôflein hiene, in beskate fergoeding krigen. Alhielendal nij wie dit belied net, want yn Akkrum waard yn it begjin fan de 20^{ste} ieu ek wolris fergoedingen fan f 5 takend. Mar yn Grou waard in struktureel belied trochfierd. It wie in opstapke nei de foarm dêr't de SKS letter ta oergie: it ynfieren fan it startjild.

Eartiids waard yn 'e regel syld om lúkse dingen, sa as in sulveren tabaksdoaze, in gouden horloazje ensfh. Letter kamen der jildprizen foar yn 't plak. Soms hiene priiswinners de kar út in foarwerp of jildbedrach. Yn 'e oantekeningen fan G.R. Zijlstra komt in foarbyld foar. Yn 1850 waard by ZV 'Oostergoo' as priis oankundige in stik bewurke sulver of f 40. De skipper keas foar it jild. In oare meidieling út Zijlstra's oantekens geane oer de wedstryd te Snits yn 1859. De priis en preemje, in soerstel en in pendule, waarden *'beide gedeeld met G. v.d. Meer'*. Oft it in ôfspraak foarôf wie, of dat der wat oars barde dat har beslút rjochtfeardige, stiet spitigernôch net oanjûn. Berjochten oer it saneamde partsjen, dat benammen it hurdriden gauris yn diskredyt brocht, is by it hurdsilen kwalik bekend, ek doe't it wenst wie jildprizen út te loven. Skipper Pieter Lammerts Brouwer skreau yn syn memoires dat der by it reedriden parte waard, mar dat hy dêr by it skûtsjesilen nea fan heard hie.⁸²

Oft it eartiids allegear safolle better wie, falt noch te besjen. Berend Zetzema, dy't as 83-jierrige ynterviewd waard, hat syn prizen net alle-gearre bewarre (hy sylde yn de tiid om 1900 hinne). Guon earetekens ferkoacht er, *'want goud blinkt nu wel mooi, maar er van eten kun je niet'*. (...) *En de flessen wijn, waarmee Zetsema na een wedstrijd naar huis ging, hebben het tegen de eenzaamheid van het schippersbestaan niet kunnen bolwerken'*.⁸³ Douwe Visser fertelt yn in ynterview ek noch in aardich foarfal. Hy wûn yn 1932 de tredde priis op De Fluezen: f 10,- en in lucht-hoarn. Nei de wedstryd die bliken dat der in klink los siet. It skip moast op 'e helling, *'en wiene wy op de sint ôf dat tsientsje wer kwyt'*.⁸⁴

No't wy it dochts oer prizen yn lang ferfleine jierren hawwe, ien fan de aardichste anekdoten mei hjir net ûntbrekke. Rinke Eekma naam mei syn skip hast nea oan wedstriden diel. Mar doe't de skippersferiening 'De Friesche Zuidwesthoek' op De Fluezen de skûtsjes fan har leden yn 1922 foar in hurdsyldei útnoege, woe er meidwaan. Hy krige lykwols spul mei 't wiif. Hja fûn dy drokte mar neat. It gesinshaad krige dochts syn sin. De roefmeubels kamen op 'e wâl en hy koe meisile. Oft er him yn 't foar as favoryt beskôge, witte wy net. Eekma waard wol as earste yn syn klasse ôfsketten. By de priisútrikking hie er de kar út in Nederlânske flagge en in kofjekanne. Hy keas foar de lêste. De priis naam er mei nei 't skip. It spul kaam wer yn 'e roef. Eekma joech de frou de kofjekanne en makke dêrmei alles gelyk wer goed.

By it moderne skûtsjesilen hawwe de organisatoaren hjir en dêr struktuer oanbrocht yn it prize- en fergoedingebelied. By de SKS krije de skippers alle kearen € 50 oan startjild. De wedstrydkommisjes diele dêrnjonken ûnder de priisútdieling lúkse foarwerpen út. Yn 'e tuskentiid hat in nivelearringsproses syn beslach krigen, want tsjintwurdich binne dy prizen foar alle meidoggers gelyk. By de measte teams is it wenst en ferdiel nei de wedstrydrige de prizen ûnder skipper en bemanningsleden. De trije earsten fan it klassemint krije fan it bestjoer in medalje. As oantinken soarget de sponsor foar in plakette foar alle bemanningsleden en oaren lykas bestjoersleden fan wedstrydkommisjes.

By de IFKS soarge de wedstrydorganisaasjes foar de prizen, meastentiids foar de earste trije fan eltse klasse, mar soms ek foar alle meidoggers. It bestjoer dielt de klassemintsprizen út. Der binne trije prizen foar eltse klasse, en boppedat foar de winners in wikselpriis.

De oersjoggen

a. Utslaggen foar 1945

De list is ûnderferdiel yn 20 skiften, dat wol sizze: plakken dêr't hurdsyld is. By elts skift steane de útslaggen kronologysk werjûn. Allinnich de klassen dêr't fracht-, beurt- en fearskippen oan meidwaan koene, binne opnommen. As snikken yn in aparte klasse sylden, dan binne dy oerslein. Wurdt der gjin klasseomskriuwing oanjûn, dan betsjut soks dat dy deselde is as de foarige kear (jildt allinnich foar deselde organisaasje). Der binne twa ofkoartings by de omskriuwings brûkt: n.m. = nije mjitte en s.û. = sûnder ûnderskie.

Utslutungen komme geregeldwei foar, handikapregels foar skippen net, of it moat wêze dy kearen dat immen in *foarjefte* jaan moast. Dan waard in ekstra merkteken lein dêr't dat skip omhinne foer. It bestjutte foar dy meidogger in wat langere rûte (sjoch de nûmers 208 en 258 fan haadstik 2).

Ofkoartings wurde brûkt om it tal meidoggers en de gegevens oangeande de prizen oan te jaan. Nei it ○-teken komme foar: "md" betsjut it tal meidoggers en "pr" de prizen. It publisearre meidoggerstal stie faak lyk oan it tal ynskriuwers. As bekend is dat guon net opkamen, wurdt dat oanjûn. Steane nei de "pr" allinnich sifers, dan betsjut dat jildprizen yn gûnen.

De nammen yn de útslaggen binne dejingen dy't ynskreaune foar de hurdsilerij, dat wol sizze, yn haadsaak de eigners. In inkele kear wurde dêrby ek de stjurlju neamd. Mear gegevens oer de persoanen steane yn it register. In swierrichheid is dat nammen út âlde tiden net altiten ferifiearber binne. Sa wurdt der bygelyks twifele oft 'M. Peekema' altiten ien en deselde persoan wie. Mindert Wybes Peekema stiet yn it register, wylst it ek mooglik is dat syn neef Mindert Gosliks by guon wedstriden skipperre hat.⁸⁵ Yn sokke gefallen is it spitich dat meastentiids allinnich de foarletter(s) fan 'e skipper of eigner neamd binne.

As wy de publisearre útslaggen njonken inoar lizze, sjogge wy dat de nammen net altiten gelyk oanjûn wurde (fariearre stavering, foarletter oars ensfh.). Hjir en dêr binne de gegevens normalisearre, sûnder dat dit fierders ferantwurde wurdt. Yn 'e útslaggen komt by nammen dy't misbegripen omsmite kinne, tusken heakjes de earste letter fan 'e plaknammen te stean. By in stikmannich útslaggen steane de tiden oanjûn. Frijwol altyd giet it om publisearre tiden.

Nei de útslaggen steane meidielings dy't sydlings dêrmei yn ferbân steane, lykas de nammen fan de útfallers en dejingen dy't diskwalifisearre waarden. Lang net altyd waard oanjûn dat der meidoggers útfoelen, al of net frijwillich. Fikse oanfarringen, lykas yn Harns (1910) dêr't fjouwer tsjalken opinoar foeren, wurde yn de publikaasjes net oerslein, lytse ûngemakken meastentiids wol. De gegevens dêroer hawwe dan ek in tafallich karakter. Itselde jildt foar de diskwalifikaasjes.

De terminology (ek foar oare ûnderdielen yn dit haadstik) is soms wolris wat oanpast om in sa goed mooglik oersjoch te hâlden. Foaral de begripen 'útsluting' en 'diskwalifikaasje' kinne oanlieding wêze ta misbegryp. Yn it sportjargon komme beide op itselde del. Yn ús list wurdt in nuânse oanbrocht. 'Utsluting' betsjut it net talitten ta de wedstryd, de 'diskwalifikaasje' it skrassen fan 'e list mei útslaggen op beslissing fan 'e karmasters. De lêstneamde term waard eartiids komselden brûkt. De lju makken dan bekend dat in beskate priis net oan skipper x takend waard, mar dat kaam dan wol op diskwalifikaasje del.

By wedstriden nei 1900 is besocht nei te gean wa't, bûten de priiswinners, noch mear dielnommen hawwe. De meidoggerslisten, foarsafier bewarre of publisearre, jouwe de bêste ynformaasje. As net dúdlik is oft elkenien opkommen is, steane alle ynskreaunen notearre. Bûten de priiswinners falle troch tafallige ynformaasje soms mear nammen yn 'e útslaggen te achterheljen. Ek is it mooglik dat yn guon gefallen ekstra prizen takend binne, sûnder dat soks publisearre is.

Faak steane tusken heakjes ien of mear skean printe boarne-ôfkoartings. Dat wurdt allinnich oanjûn as der by de ferskillende publikaasjes gjin ienriedichheid is. Soms wurdt der ek in ôfkoarting jûn as der fan beskate gegevens mar ien boarne foarhannen is. De ôfkoarting jout oan hokker boarne der brûkt is. De ôfkoartings wurde ferklearre yn haadstik 7.

b. SKS, IFKS, NKS en 'Friesland Vaart'

By de SKS, IFKS en NKS steane de útslaggen yn diagramfoarm oanjûn. By de IFKS jildt dat allinne foar de kampioensklasse. Fan de oare klassen wurdt folstien mei it einklassemint. Dúdlik is dat tsjintwurdich de skipper sintraal stiet. Earder lûkte de eigner wolris in skipper oan, sûnder dat it publisearre waard. Foarsafier't wy nammen fan oanlutsen skippers witte, steane dy mei in ynspringing ûnder de ynskreaune skipper. Ek tydlike ferfangers fan skippers steane op dy wize fermeld. Allinnich de ferfangingen by de SKS dy't publisearre binne, wurde neamd. De lêste jierren hawwe de SKS en IFKS dy ferfangingen formalisearre. Foar in ferfanging moat in goede reden wêze en kin net barre sûnder tastimming fan it bestjoer (SKS) of wedstrydlieding (IFKS).

Nei de namme fan 'e skipper stiet ôf neat, ôf it nûmer (trije sifers) fan it skip dat ferantwurde wurdt op 'e list fan skûtsjes yn haadstik 9, ôf de letter(s) fan de SKS-skippen dy't de eigners spesjaal foar it hurdsilen yn 'e feart brochten. Fan 'e lêste kategory is de 'D' fan it Drachtster skûtsje de âldste (1955). It skip fan Akko van der Veen wie it earste 'echte' wedstrydskûtsje. Op ús list wurde de seiltekens net allegearre folge; de figueren ûntbrekke en dêrom binne der leettertekens foar delset. Yn haadstik 8 stiet it oersjoch fan de tekens mei de eigners en skipsnammen. Yn dat register wurdt ek nochris ferwiisd nei it register haadstik 9.

De diagrammen sprekke fierder wol foar harsels. Boppe-oan stiet in horizontale rige nûmers dy't ferwize nei de hâlden wedstriden ûnder de tabel. Rjochts steane de punten fan it einklassemint. De tellingen wike inkeldris ôf. Telflaters meie wy net útslute, mar ôfwikings kinne ek komme troch beslissings fan 'e wedstrydlieding dy't net bekend makke binne (sjoch bygelyks SKS 1964, IFKS 1983, 1994). De ferskillen wurde fierder troch ús net ferantwurde. As yn in seizoen net alle silerijen meitelle foar it kampioenskip, om hokker reden ek, binne de nûmers fan de kampioenswedstriden ûnderstreke.

By de SKS- en IFKS-kompetysje wurdt alle jierren in ienfâldich puntensysteem tapast. Nûmer ien kriget 0,9 punten, nûmer twa 2, nûmer trije 3, ensfh. Nei't alle wedstriden dy't dêrfoar yn 'e beneaming komme, fersyld binne, wurdt it klassemint opmakke. De skipper mei it leechste tal punten wurdt huldige as kampioen. Meastentiids mei de skipper de wedstryd mei

it minste resultaat ôflûke fan it totaal. De SKS hantearret wedstryd- en strafpunten. Strafpunten wurde takend by in diskwalifikaasje. Strafpunten kinne nea fan it totaal ôflutsen wurde. In skipper dy't ûnder de wedstryd in oertreding daliks tajout, kin it wedstrydwetter ferlitte. Dêrmei kriget er it maksimaal oantal wedstryd- ynstee fan strafpunten. Yn de jierren 1992 oant en mei 2000 waard it strafpentesysteem (tydlik) oan kant lein.

Op ús list steane tekens dy't yn 'e offisjele útslaggen net foarkomme. It jout oanfolgende ynformaasje. By publikaasjes nei de silerij is der gjin ferlet fan. Op it útslachformulier kin by de IFKS de Ingelske ôfkoarting 'dnf' foarkomme as in skip net oankomt. Wêrom it útfalt docht fierder net ta de saak om't it tal takende punten fêst stiet (útsûnderingen wurde yn 'e taljochting meidield). It yn 1988 ynfierde systeem fan ekstra punten by beskate oertredingen krige ek gefolgen by in diskwalifikaasje. As in skipper ekstra punten op syn konto kriget, wurdt dat oanjûn mei in *. Yn 'e taljochting stiet it tal ekstra punten dêrby oanjûn.

Ferklearrings fan inkelde tekens dy't by de klasseminten net fierder útlein wurde:

- meidien, klassearring net bekend (komt allinne by de SKS foar)
- : net oankommen
- net oankommen fanwegen averij. By de SKS kriget it skip dat dêrtroch útfalt likefolle wedstrydpunten as de posysje fan it lêst oankommend skip. By de IFKS it tal punten lykas it tal skippen dat út ein set is.
- d diskwalifisearre: By de SKS is de sanksje it tal strafpunten lyk as it tal ynskreaune skippen, by de IFKS it tal punten lyk as it tal ynskreaune skippen yn 'e klasse dêr't it skip oan meidocht.
- g gemiddelde fan de oare wedstriden (tal punten dield troch dat tal wedstriden), meastentiids takend by averij troch skuld fan treden.
- x wedstrydwetter ferlitten nei oansein protest: By de SKS wedstrydpunten, lyk oan it tal ynskreaune skippen. By de IFKS wedstrydwetter ferlitten nei oansein protest. Dêrmei komt de skipper foar dat der ekstra punten by syn totaal tafoege wurde (fan 1988 ôf).

